



K O N I N K L I J K E N E D E R L A N D S E
A K A D E M I E V A N W E T E N S C H A P P E N

Y-nammen tusken flaa- en ferlytsingsnammen

Visser, W.

published in

Us Wurk. Tydskrift foar frisistyk
2016

document version

Publisher's PDF, also known as Version of record

document license

CC BY-NC-ND

[Link to publication in KNAW Research Portal](#)

citation for published version (APA)

Visser, W. (2016). Y-nammen tusken flaa- en ferlytsingsnammen. *Us Wurk. Tydskrift foar frisistyk*, 65(3-4), 91-145.

General rights

Copyright and moral rights for the publications made accessible in the public portal are retained by the authors and/or other copyright owners and it is a condition of accessing publications that users recognise and abide by the legal requirements associated with these rights.

- Users may download and print one copy of any publication from the KNAW public portal for the purpose of private study or research.
- You may not further distribute the material or use it for any profit-making activity or commercial gain.
- You may freely distribute the URL identifying the publication in the KNAW public portal.

Take down policy

If you believe that this document breaches copyright please contact us providing details, and we will remove access to the work immediately and investigate your claim.

E-mail address:

pure@knaw.nl

y-nammen tusken flaai- en ferlytsingsnammen

Willem Visser

Summary

Frisian has three types of hypocoristic names, viz. diminutive names, ‘real’ hypocoristics, and, finally, names ending in -/i/ (-<y>), which are the subject of this article.

y-names are bisyllabic trochees, which means that the full form of the names they are associated with must be accommodated by one syllable. Most of the times the stressed syllable of the base name is selected, though there are also instances of the selection of an unstressed syllable. The second syllable, headed by /i/, must have an onset. This means that in case (the stressed syllable of) the base name ends in a long vowel or a diphthong, also the consonant following the long vocalic sequence must be incorporated into the y-name.

y-names occupy a position in between diminutive names and ‘real’ hypocoristics, that is, they share properties with both types of names (and differ from both types as well). Some examples of this are provided here. All three types can be used as men’s and women’s names. Whereas a diminutive name consists of two or more syllables and a ‘real’ hypocoristic of one or two, an y-name is strictly bisyllabic. Both ‘real’ hypocoristics and y-names do not allow for nasalised vowels, as opposed to diminutive names. Both diminutive names and y-names allow for consonant clusters, which ‘real’ hypocoristics do not.

The formation of y-names is likely to be a borrowed process, inspired by the same type of names in English and Dutch. The use of y-names reached its climax in the middle of the twentieth century and has rapidly decreased in scope since, to the extent that it has almost completely fallen into abeyance.

Ynhâldsopjefte

Ynlieding

1. Eigenskippen fan y-nammen
 - 1.1 De âldens fan it patroan
 - 1.2 By y-nammen giet it net om ferlytsing

Us Wurk, jiergong 65 (2016), s. 91-145.

2. De foarmkant fan y-nammen
 - 2.1 It beklamme wurdlied fan de folle foarm giet mei oer
 - 2.2 It y-wurdlied moat in oanset hawwe
 - 2.3 y-nammen en ûnmarkearre fonologyske patroanen
 - 2.3.1 Komplekse fokalyske sekwiinsjes
 - 2.3.2 Nasale fokalen
 - 2.3.3 Bylûdkloften
 - 2.3.4 Nochris bylûdkloften
 - 2.4 y-nammen en oare fonologyske patroanen
 - 2.4.1 Stimleaze obstruinten
 - 2.4.2 Lûdferkoarting
 - 2.4.3 Ynfoeging fan in homorgane ploffer nei in noaslûd
 - 2.4.4 Fan /ɔ/ nei /a/
 3. Oare boarnen fan y-nammen
 - 3.1 Ienwurdliedige folle foarmen
 - 3.2 Folle foarmen op sjwa
 - 3.3 Folle foarmen op -/a/
 - 3.4 Flaainammen
 4. Netwurken fan nammen
 5. Kinne y-nammen ek fan ferlytsingsnammen ôflaat wurde?
- Utlieding

Ynlieding

Yn it Frysk kin fan in persoansnamme troch ferlytsing in nije namme ôflaat wurde (sjoch Visser (2003)). Neist *Lolle* hat men *Lolke* en *Loltsje*, en neist *Lolke* wer *Lolkje* (mei dûbele ferlytsing). Ferlytsingsnammen wurde foarme neffens itselde prosedee as de ferlytsingswurden en se hawwe nei de foarm dan ek in trochsichtige relaasje mei de namme dêr't se fan ôflaat binne.

Fan de folle foarmen kinne ek flaainammen foarme wurde (sjoch Visser (2010)). Oan nammepearen lykas *Froukje* ~ *Poai* en *Grytsje* ~ *Kike* is te sjen, dat de relaasje tusken folle foarm en flaainamme fonologysk besjoen minder transparant is as dy tusken folle foarm en ferlytsingsnamme. Oan 'e iene kant komt dat, omdat flaainammen bepaast wurde moatte yn it metryske mal fan de trogee, dat bestiet út ien swier wurdlied (lykas by *Poai*) of út de sekwiinsje fan in beklamme en in ûnbeklamme wurdlied (lykas by *Kike*). De trogee is it gewoane slach metryske foet yn it Frysk en in (net-gearstald) wurd hat yn it Frysk dy metryske bou gewoanwei dan ek. Oan de oare kant hat men yn flaainammen ûnmarkearre fonologyske struktueren: de kom-

plekse oansetten *fr-* en *gr-* fan *Froukje* en *Grytsje* komme yn *Poai* en *Kike* net werom – de likwide /r/, in swak slach konsonant, falt wei en de obstruint, it sterkste slach konsonant, bliuwt oer –, wylst, oan it wurdbegjin, de rûzer *f* troch de sterkere ploffer *p* (*Froukje* → *Poai*) en de stimhawwende ploffer *g* troch de sterkere stimleaze ploffer *k* ferfongen wurdt (*Grytsje* → *Kike*).

En dan binne der, as lêste, wat ik hjir beneame sil as *y*-nammen, dêr't yn (1) in stikmannich foarbylden fan jûn wurde:

(1) *foarbylden fan y-nammen*¹

a. *frouljusnammen*

<i>folle foarm</i>	<i>y-namme</i>	<i>folle foarm</i>	<i>y-namme</i>
Albertsje	Appy	Jetske	Jetty
Barteltsje	Batty	Rinske	Rinny
Bintsje	Binny	Sibrichje	Sipy
Gerbrich	Gerry	Wopkje	Woppy

b. *manljusnammen*

<i>folle foarm</i>	<i>y-namme</i>	<i>folle foarm</i>	<i>y-namme</i>
Egbert	Eppy	Oepke	Oepy
Folkert	Folly	Rommert	Rommy
Jabik	Jappy	Ulbe	Uppy
Kornelis	Korry	Wibren	Wipy

It meast opfallende skaaimerke fan de nammen yn de rjochter rjochjes fan (1) is, dat se op *-y* (/i/) útgeane. De oare typearjende foarmeigenskippen fan dit slach nammen komme yn §2 hjirnei op it aljemint.

By dizze trije skiften nammen – ferlytsingsnammen, flaaainammen en *y*-nammen – stie ynearsten de konnotaasje fan leavens, tearens en ynlikheid foarop. It liket my ta, dat de ferlytsingsnammen dy affektive konnotaasje it

1. It nammemateriaal foar dit stik – sjoch de taheakken oan 'e ein – haw ik foar fierwei it grutste part út rou-advertinsjes yn Fryske kranten helle. It giet dan meast om lju dy't yn Fryslân berne binne of dêr in skoft wenne hawwe. Meidat *y*-nammen (*ie*-nammen) ek yn it Nederlânsk foarkomme, is it lang altyd net dúdlik, oft in beskate *y*-namme yn it Frysk foarme of út it Nederlânsk oernommen is. As der Fryske folle foarmen neist steane, gean ik der lykwols fan út, dat wy mei Fryske *y*-nammen te krijen hawwe.

measte kwyt rekke binne, faaks omdat se ek de funksje krige hawwe om manljusnammen ta frouljusnammen om te foarmjen.

De wichtichste oerienkomsten en ferskillen tusken ferlytsingsnammen, y-nammen en flaaianammen litte har yn fiif punten beskriuwe, sjoch (2):

- (2) *oerienkomsten en ferskillen tusken ferlytsingsnammen, y-nammen en flaaianammen*
- Ien en deselde ferlytsingsnamme, flaaianamme of y-namme kin foar froulju en manlju brûkt wurde.
 - Fan in ferlytsingsnamme kin in nije ferlytsingsnamme ôflaat wurde (dûbele ferlytsing) en fan in flaaianamme in nije flaaianamme; in y-namme hat dy mooglikheid net.²
 - By it ôflieden fan ferlytsingsnammen en y-nammen wurdt der gebrûk makke fan in suffiks, by it ôflieden fan flaaianammen net.
 - Flaaianammen en y-nammen binne trogeysk, ferlytsingsnammen net persee.
 - Ferlytsingsnammen besteane út twa of mear wurdlieden, y-nammen binne strikt twawurdlieddich, wylst flaaianammen út ien of twa wurdlieden besteane.

Yn skema sjocht dat der sa út:

- (3) *skema fan de oerienkomsten en ferskillen tusken ferlytsingsnammen, y-nammen en flaaianammen*

	<i>ferlytsingsnammen</i>	<i>y-nammen</i>	<i>flaaianammen</i>
♂ & ♀	+	+	+
'rekursiviteit'	+	-	+
suffiks	+	+	-
trogee	-	+	+
tal wurdlieden	≥ 2	2	≤ 2

Wurdt op grûn fan dit skema it plak fan de y-nammen yn it flaaianammelânskip al in bytsje dúdlik, foar in folsleiner byld moatte de eigenskippen fan dit slach flaaianamme yngeander besjoen wurde. It doel fan dit stik is alder earst dan ek om it byld yn (3) skerper te stellen. Dêrneist wol ik besykje om

2. Sa is fan *Lolle* de ferlytsingsnamme *Lolke* ôflaat, dy't wer it útgongspunt foar de ferlytsingsnamme *Lolkje* (mei dûbele ferlytsing) west hat. En fan *Gerlofke* is de de (ferlytsjende) flaaianamme *Gelske* foarme, wylst *Gelske* op syn bar *Kekke/Keke* as flaaianamme hat.

ta in set fan ‘ynstruksjes’ foar it ôflieden fan y-nammen fan de ‘folle foarm’ fan nammen te kommen en sa it byld fan de (morfo-)fonologyske prosessen fan it Frysk wer wat folsleiner te meitsjen.

It stik is sa opboud. Yn §1 komme in pear algemiene eigenskippen fan y-nammen op it aljemint, wylst yn §2 de foarmkant fan sokke nammen neigongen wurdt. Paragraaf 3 giet neier yn op de boarnen fan y-nammen, dat wol sizze, fan watfoar slach folle foarmen oft se ôflaat wurde. Yn §4 giet it oer de rol dy’t netwurken fan nammen spylje kinne by it begripen en ferklearjen fan guon keppelingen fan folle foarm en y-namme. Yn §5, as lêste, giet it om de fraach oft it yn guon gefallen net handich wêze kin om y-nammen fan ferlytsingsnammen ôf te lieden, in fraach dy’t negatyf beäntwurde wurdt. Mei in pear konkludearjende opmerkingen komt der in ein oan it stik.

1. *Eigenskippen fan y-nammen*

Yn dizze paragraaf sille guon eigenskippen fan y-nammen neier besjoen wurde, mei as doel om dit nammetype better teplak te bringen yn it (flaai)-nammelânskip. It giet dêrby om de âldens fan it patroan (§1.1) en it feit dat y-nammen, ek al soe men dy kant út tinke kinne, net in slach ferlytsingsnamme binne (§1.2).

1.1 De âldens fan it patroan

It giet by y-nammen om in jong slach nammefoarming, dat yn de earste helte fan de tweintichste iuw hurd opkommen is. Sipma (1952:126) fersuchtet: “In moade dêr’t men fan hoopje soe, dat er mar wer foarby wie, brocht ús jongesnammen as: Appy, Ipy, Willy, Riny, en famkesnammen as: Imy, Nelly, Hilly, Tiny, Jelly, Roely, Triny, Anny, Gerry, Janny, Wiky. Lokkich steane hjir almeast noch better en folsleiner nammen njonken” (sjoch ek bylage 3). Sipma hat syn sin krigen, want dizze nammemoade liket op ‘t heden foargoed op syn retoer te wêzen. Yn rou-advertinsjes yn de krante sjocht men noch gâns y-nammen, yn berte-advertinsjes net of amper (mear).³

3. Dat wol net sizze, dat de folle foarm fan nammen hielendal net mear yn in y-namme omset wurdt, mar soks liket gâns minder foar te kommen as earder.

De âldste gefallen fan y-nammen binne foar ‘t neist *heity* en *memmy*. No binne *heit* en *mem* haadwurden en gjin persoansnammen. Hoekstra (1986:140-143) makket lykwols oannimlik, dat dizze sibskipstermen – krekt as *omke*, *muoike*, *pake* en *beppe* – faak en folle as persoansnammen fungearje. Yn it Nederlânsk, Ingelsk en Dútsk wurde ‘heit’ en ‘mem’ ek in soad mei in foarm op -[i] oantsjut: *pappie/mammie*, *daddy/mummy*, *Vati/Mutti*.

Meidat ferlytsings- en flainammen al folle langer meidraaie, kinne y-nammen dêr wol eigenskippen fan oernommen hawwe, mar oarsom net.

1.2 By y-nammen giet it net om ferlytsing

Yn 'e earste opslach tinkt men by y-nammen oan ferlytsing. Dy soe dan lykwols frijwat ferskille fan 'gewoane' ferlytsing. Giet it dêrby om de trije suffiksen *-je*, *-tsje*, en *-ke* – mei in komplemintêre distribúsje, al neffens de einichste konsonant fan it wurd dat ferlytse wurdt –, by de y-nammen is der ien suffiks foar alle nammen. Yn it Klaaifrysk wurdt *-je* oan 'e ein fan in wurd moai algemien as *-y* ([i]) realisearre, net allinnich yn ferlytsingswurden op *-(ts)je*, mar ek yn tiidwurdfarmen op *-je*. Yn it Wâldfrysk, dat oan *-je* ([jə]) fêsthâldt, komt *-y* lykwols ek foar. Dêr wurdt in ûnbeklamme [i] oan 'e wurdein ek wol nei [jə] omset, lykas yn *jidje* [jɪdjə] (<[jɪdi] (*jierdei*)) en *mandje* [mandjə] (<[mandi] (*moandei*)), mar by de y-nammen hat men dat net. Dêrmei is *-y* in útgong op himsels.

It Nederlânsk hat in wiidweidich en kompleks systeem fan ferlytsingswurdfarming, mar ien suffiks *-ie* foar nammen. No wurdt de ferlytsingsútgong *-je* (*-je*, *-pje*, *-tje*) gauris as *-[i]* realisearre, lykas yn *een happie mee-ete* (Amsterdamsk?) en yn de ferneamde trits *huissie*, *boompie*, *beessie*. Al haw ik der gjin dúdlike yntuysjes oer, sokke ferlytsingswurden op *-[i]* hearre my it eigenst oan, as se twawurdliidich binne, lykas dy yn de trijeslach hjirfoar. Se koenen derfoar soarge hawwe, dat y-nammen yn it Nederlânsk as ferlytsingsnammen begrepen wurde.⁴

Neffens Bauer, Lieber and Plag (2013:388-392) is it Ingelske ferlytsings-suffiks *-y/-ie* ien fan de produktivste efterheaksels fan it Ingelsk⁵. Foarbylden fan ferlytse haadwurden en nammen op *-y/-ie* binne *hammy* (*hamster*), *hanky/hankie* (*handkerchief*), *nappy/nappie* (*napkin*), *doggie/doggy* (*dog*). Krekt as yn it Frysk en it Nederlânsk komt ferlytsing fan wurden dy't ta oare wurdsoarten hearre ek foar: eigenskipswurden (bygelyks *baddy* (*bad*), *goodie* (*good*), *softy* (*soft*)), tiidwurden (bygelyks *walky-talky/walkie-talkie* (*walk-talk*)) en foarnamwurden (bygelyks *selfie* (*self*)). En dan binne der fansels nammen op *-y/-ie*, lykas *Danny* (*Daniel*), *Lexie* (*Alexandra*), *Kitty* (*Catherine*) en *Johnny* (*John*). Al sokke wurden 1) hawwe de foarm fan in twawurdliidige trogee, 2) hawwe meast it earste wurdliid fan de grûnfoarm

4. It falt jin op, dat der yn de morfologyske literatuer oer it Nederlânsk neat oer it suffiks *-ie* te finen is. Der is wol omtinken foar kultuer-histoaryske aspekten fan nammejouwing, mar amper of net foar de grammatikale aspekten fan nammefoarming.

5. It soe besibbe wêze oan it Nederlânske ferlytsingssuffiks *-tje* en it Dútske *-chen*.

as útgongspunt, likefolle oft dat beklamme of ûnbeklamme is en 3) moatte oan de eask foldwaan dat it twadde wurdlid, mei /i/ as kearn, in oanset hat. Soks jildt fierhinne ek foar y-nammen yn it Frysk – sjoch §§ 2.1 en 2.2 –, mar net foar ‘gewoane’ Fryske ferlytsingswurden. Oer y-nammen yn it Ingelsk, troch har as “hypocoristic names” beneamd, merke Bauer, Lieber en Plag op side 389 op, dat dy “subject to slightly different restrictions” binne, dêr’t se op side 402 neier op yngeane: y-nammen binne frijer yn it kiezen fan it ‘útgongspuntwurdlid’ en steane minder bylûdkloften ta as ferlytsingswurden.

Dat ferlytsingswurdfarming en de foarming fan y-nammen hjir foar it Ingelsk net útinoar holden wurde, sil dermei te krijen hawwe, dat it Ingelsk neist *-y/-ie* gjin oare produktive ferlytsingssuffiksen hat. Mar it koe ek wolris gearhingje mei de fyzje op wat ferlytsing ‘is’ of ‘docht’. Neffens Hoekstra (1998:83) is de primêre funksje fan ferlytsing fan haadwurden it oantsjuten fan “in lyts eksimplaar fan itselde dat troch it grûnwurd beneamd wurdt”, al wurdt wol ynskikt dat ferlytsingswurden wol gauris in “affektive (meliorative of pejorative) konnotaasje” hawwe. It efterheaksel *-y* rekkenet Hoekstra dan ek ta de flaaissuffiksen en net ta de ferlytsingssuffiksen (side 86).⁶ Yn Bauer, Lieber en Plag (2013) wurdt dit strange ûnderskied net makke.

Yn Duden (1998:505) wurdt *-i* as in flaaissuffiks sjoen. It is produktif “bei der Bildung hypokoristischer (zärtlicher) Anredeformen aus Vornamen (*Fritzi*) und anderen, besonders mündlichen Bezeichnungen (*Schatzi*) und im Umgang mit Kindern”. Foarbylden binne *Gabi* (*Gabriele*), *Rudi* (*Rudolf*), *Ulli* (*Ulrich, Ulrike*), *Kurti* (*Kurt*), *Ami* (*Amerikaner*), *Wessi* (*Westdeutsche(r)*) en *Studi* (*Student*). Yn Fleischer/Barz (2012:214-215) wurdt derop wiisd, dat *-i* ek yn ‘Sachbezeichnungen’ brûkt wurdt, dêr’t *Kulli* (*Kugelschreiber*), *Pulli* (*Pullover*) en *Trab(b)i* (*Trabant*) foarbylden fan binne.⁷ Al is it grûnwurd meast in haadwurd, ôflieding op grûn fan eigenskips- en

6. Yn Visser (2003:264-266) wurdt útholden, dat de funksje fan it ferlytsjen fan in namme net primêr ‘ferlytsing’ wêze kin en dat haadwurden en nammen op dit stik fan saken dan ek goed útinoar holden wurde moatte.

7. Yn it Frysk binne my amper mei *-y* foarme haadwurden bekend. Fan ús mem moasten wy as lytse bern simmerdeis wol gauris in skoft mei it bleate boppeliif yn ‘e sinne omrinne, want dat wie goed foar ús (“sinnefitaminen happe”). Wy wienen dan yn ‘e bleate *bully*; dat *bully* sil ôflaat wêze fan *bealich*, dat by ús as *beolich* of *bullich* ([bø(ə)lɛx]) útsprutsen wurdt. En de bynamme fan de direkteur fan de kristlike (m)ulo (letter: mavo) yn Frjentsjer, in man mei in grou liif, wie *Bully*. Sokke *y*-(haad)wurden wurde, fia it Nederlânsk, fansels wol út it Ingelsk liend, dêr’t *walky-talky* en *selfy* foarbylden fan binne.

tiidwurden is yn it Dútsk ek mooglik, lykas yn *Blödi (blöd)*, *Dummi (dumm)*, *Schlucki (schlucken)* en *Schnaufi (schnaufen)*. *-i* hat him ûntjûn ta in suffiks “meist mit ironisch-scherzhafter, aber auch hypokoristischer Bedeutung”.

Yn it Frysk en it Nederlânsk liket it suffiks *-i/* mar allinnich in namme-foarmjende funksje te hawwen, wylst it yn it Dútsk en it Ingelsk ek brûkt wurde kin foar it foarmjen fan ferlytsingswurden.

2. *De foarmkant fan y-nammen*

Ferlytsingsnammen en *y*-nammen geane op in suffiks út (in ferlytsingsútgong of *-y*). Yn ‘e ynlieding is opmurken, dat ferlytsingsnammen neffens it-selde prosedee foarme wurde as ferlytsingswurden en dat se nei de foarm dan ek in trochsichtige relaasje hawwe mei de (ien- of twawurdliiddige) namme dêr’t se fan ôflaat binne.

In *y*-namme is twawurdliiddich, mei *-y* as de kearn fan it twadde wurdliid. Dat betsjut, dat de folle foarm fan de namme bepaast wurde moat yn it ienichste wurdliid dat oerbliuwt, it earste. Dy folle foarm moat meast dan ek ynkoarte wurde, en wat langer oft er is, wat mear. De relaasje dy’t de *y*-namme hat mei de namme dêr’t er fan ôflaat is, wurdt dêr fansels net trochsichtiger fan.⁸

Yn dizze paragraaf stiet de relaasje tusken folle foarm en *y*-namme neffens de foarm sintraal. It doel is om ta in set fan ynstruksjes foar it omsetten fan folle foarm yn *y*-namme te kommen. Yn §2.1 giet it oer de rol fan it beklamme wurdliid fan de folle foarm, yn §2.2 om de eask dat it *y*-wurdliid fan de *y*-namme in oanset hawwe moat. De ûnmarkearre fonologyske patroanen dy’t men yn *y*-nammen obstrewearje kin, binne it ûnderwerp fan §2.3, wylst oare foar *y*-nammen karakteristike fonologyske patroanen yn §2.4 op it aljemint komme.

2.1 It beklamme wurdliid fan de folle foarm giet mei oer

Neffens Hoekstra (1998:85-86) “wurde by ôflieding mei *-y* alle ûnbeklamme wurdliiden fan it grûnwurd skrast”. Allinnich it beklamme wurdliid fan de folle foarm bliuwt sa oer en dat soe yn de *y*-namme dus werom te finen wêze moatte. Lit ús dit formulearje as in ‘ynstruksje’ foar it foarmjen fan *y*-nammen, sjoch (4):

8. By ferlytsingsnammen is de dûbele ferlytsingsútgong *-kje (-ke+-je)* mooglik (it giet dêrby inkel om frouljusnammen). It suffiks *-y* kin net ferdûbele wurde, want de útkomst dêrfan, */ii/ (<yy>)*, soe fuort ûntdûbele wurde.

(4) *ynstruksje foar it foarmjen fan y-nammen (earste ferzje)*

Selektearje as útgongspunt foar it foarmjen fan de y-namme it beklamme wurdlied fan de folle foarm fan de namme.

Gâns Fryske nammen besteane út in earste wurdlied (mei in fol lûd) en in ûnbeklamme twadde wurdlied, meast mei sjwa as kearn. Omdat sjwa gjin klam drage kin, is der by sokke nammen oangeande it beklamme wurdlied neat te kiezen (sjoch (1) hjirboppe foar foarbylden). Langere nammen – meast fan frjemd komôf – kinne mear as ien fol lûd hawwe, dat foar it plak fan de haadklam binne der by sokken yn begjinsel ûnderskate mooglikheden. Yn de measte gefallen is by langere nammen it beklamme wurdlied fan de folle foarm de basis fan de y-namme, sa't de foarbylden yn (5) sjen litte (it beklamme wurdlied wurdt oanjûn mei in skrapke derfoar):

(5) *y-nammen dy't neffens it beklamme wurdlied-patroan binne*

<i>folle foarm</i>	<i>m/f</i>	<i>y-namme</i>	<i>folle foarm</i>	<i>m/f</i>	<i>y-namme</i>
'Adriaan	m	Adry	He'l ^h ena	f	Leny
Adri'aan	m	Jany ⁹	Henri'ëtte	f	Jetty
An'thonia	f	Tony/Tonny	Her'mina	f	Miny/Minny
An'thoni ^h us	m	Tony/Tonny	Ja'koba	f	Koby
Apo'l ^h onia	f	Plony	Jo'hanna	f	Hanny/Honky
Beren'dina	f	Diny	Jo'hannes	m	Hanny
Ep'pina	f	Piny	Petro'nella	f	Nelly
Fran'siska	f	Sissy	Re'gina	f	Giny
Gijs'bertha	f	Betty	'Thonia	f	Tony/Tonny
Ger'dina	f	Diny	'Thoni ^h us	m	Tonny
Ger'trude	f	Trudy	Wilhel'mina	f	Mimy
Ger'trudis	f	Trudy	'Willebrord	m	Willy
Ge'sina	f	Siny			

By de foarming fan flainammen wurdt der yn begjinsel ek “fan it beklamme wurdlied fan de folle foarm ôf rekkene” (Visser (2010:10)).¹⁰

9. Yn *Adriaan* [(a:)_σ(dri)_σ'(ja:n)_σ] en *Henriëtte* [(h^hō)_σ(ri)_σ'(j^het)_σ(tə)_σ] (dy lêste foarm stiet fierderop yn it rjochje) wurdt tusken it foarlûd /i/ en de lûden /{a:/ ε}/ it foarlûd heallûd /j/ ynfoege, dat yn de y-nammen *Jany* en *Jetty* mei oerkomt. Meidat sa'n heallûd gjin diel útmakket fan de ûnderlizzende represintaasje fan de folle foarm fan de namme, liket de grûnslach foar it foarmjen fan y-nammen de fonetyske foarm fan de namme te wêzen (ferlykje noat 34 hjirnei).

10. By nammen op *-ina* leit de klam systematysk op de /i/ fan dat wurdpart (it op ien nei lêste wurdlied). It kin dan ek hiel wol wêze, dat y-nammen as *Diny* (*Alberdina*, *Aren-*

Der binne lykwols ek moai wat gefallen dêr't it beklamme wurdliid fan de folle foarm fan de namme net it útgongspunt fan de y-namme is, sjoch (6):

(6) *y-nammen dy't net neffens it beklamme wurdliid-patroan binne*¹¹

<i>folle foarm</i>	<i>m/f</i>	<i>y-namme</i>	<i>folle foarm</i>	<i>m/f</i>	<i>y-namme</i>
Adri'ana	f	Adry	Katha'rina	f	Kitty
A'gatha	f	Aggy	Kon'stanse	f	Konny
'Albertsje	f	Betty ¹²	Kor'nelia	f	Korry
A'leida	f	Aly	Kor'nelis	m	Korry
'Alfred	m	Freddy	Kor'nelisje	f	Korry
Bo'dina	f	Botsy	Kor'neliske	f	Korry
E'lisabeth	f	Betsy/Betty/ Elly	Lu'cia	f	Lucy
			Lumme'china	f	Lummy
Frede'rike	f	Freddy/Fredy	Lu'tina	f	Luty
Har'mina	f	Harry	Magda'lana	f	Maddy
Hen'drika	f	Henny	Roel'fyn	f	Roely
Hen'drikus	m	Henny	San'drina	f	Sanny
Hië'ronymus	m	Harry	Tho'lina	f	Tholy
Jo'hanna	f	Jopy	Wilhel'mina	f	Helmy/Willy
Jo'hannes	f	Sjonny			

In net-beklamme wurdliid fan de folle foarm kin ek de basis wêze fan in flaaianamme (Visser (2010:34-36)). Wat it beklamme wurdliid-patroan oangiet, rinne y-nammen en flaaianammen dus lykop mei-inoar.

Ynstruksje (4) liket sadwaande foar it 'eigen' part fan de nammen en net, of minder, foar liende nammen te jilden. Foar de 'gewoane' wurdskat moat der ek in twadieling tusken 'eigen' en 'frjemd' oannommen wurde, dat nammen wize har datoangeande út as gewoane leksikale eleminten.

2.2 It y-wurdliid moat in oanset hawwe

By it ôflieden fan in y-namme is it beklamme wurdliid fan de folle foarm it útgongspunt, sjoch ynstruksje (4).

dina, Berendina, Gerdina), Giny (Regina), Miny (Hermína), Piny (Eppina), Siny (Gesina) en Tiny (Kristina, Martina, Swaantina) op basis fan de flaaianammen Dina, Gina, Mina, Pina, Sina en Tina foarme en net streekkrjocht fan de langere folle foarm fan de nammen ôflaat binne.

11. Op *Alfred* nei hawwe sokke nammen de klam net op it earste wurdliid.
12. *Albertsje* hat ien beklamme wurdliid, *Al*, wylst de grûnslach fan de y-namme it twadde wurdliid, *-ber-*, liket te wêzen, dat lykwols ûnbeklamme is (en mei in sjwa realisearre wurdt). De namme *Betty* kin yn oarsprong foarme wêze op basis fan *Albertha*, mei klam op it twadde wurdliid, in namme dy't yn itselde nammenetwurk sit as *Albertsje*.

Wurdynterne wurdliiden moatte in oanset hawwe. As it beklamme wurd- lid fan de folle foarm op in bylûd útgiet, dan kin dat de oanset fan it y-wurd- lid útmeitsje. Sokke gefallen binne der genôch, sjoch (7):

(7) *foarbylden fan y-nammen mei it folsleine beklamme wurdliid fan de folle foarm*

a. mei in lang lûd of in delgeand/sintralisearjend twilûd yn de folle foarm

<i>folle foarm</i>	<i>m/f</i>	<i>y-namme</i>	<i>folle foarm</i>	<i>m/f</i>	<i>y-namme</i>
Aaldrik	m	Aly	Reintsje	f	Reiny
Aaltsje	f	Aly	Roeltsje	f	Roely
Heiltsje	f	Heily	Teuntsje	f	Teuny
Leentsje	f	Leny			

b. mei in koart lûd yn de folle foarm

<i>folle foarm</i>	<i>m/f</i>	<i>y-namme</i>	<i>folle foarm</i>	<i>m/f</i>	<i>y-namme</i>
Afke	f	Affy	Holkje	f	Holly
Agnes	f	Aggy	Imke	f	Immy
Albertsje	f	Ally	Ymkje	f	Imy
Aldert	m	Ally	Minke	f	Minny ¹³
Fimke	f	Fimmy	Rymkje	f	Rimy
Fintsje	f	Finny	Rinkje	f	Riny
Folkert	m	Folly	Romkje	f	Rommy
Fopkje	f	Foppy	Sepkje	f	Seppy
Gerlofke	f	Gerry	Tetsje	f	Tetty
Gontsje	f	Gonny	Tryntsje	f	Tiny
Harmen	m	Harry	Tsjepkje	f	Tsjeppy
Hendrikje	f	Henny	Wimke	f	Wimmy
Hepke	f	Heppy	Wypkje	f	Wipy
Hiltsje	f	Hilly	Wopkje	f	Wopy

Hat it beklamme wurdliid in lang lûd ((7a)), lykas by *Aaldrik* (a:l)_σ(drik)_σ en *Aaltsje* (a:l)_σ(tsjə)_σ, dan makket it einichste bylûd de oanset fan it y-wurdliid út: (a:)_σ(li)_σ. Dêrmei wurdt der oan twa easken tagelyk foldien: a) it lofter

13. Neist *Hinke*, *Janke*, *Minke* en *Rinkje*, mei /ŋ/, steane de y-nammen *Henny*, *Janny*, *Minny* en *Riny*, mei /n/. Nei it koarte lûd /{aɪ}/ soe /ŋ/ ambisyllabyske realisearre wurde moatte, d.w.s. [ŋ] soe tagelyk de koda fan it lofter en de oanset fan it rjochter wurdliid útmeitsje moatte. Meidat /ŋ/ mar allinnich yn de koda foarkomme kin, is der hjir útwykt nei it ûnmarkearre, koronale noaslûd /n/.

wurdlied bestiet út twa fonologyske posysjes en is dêrmei lang genôch, oars sein, it is ‘op gewicht’, b) it rjochter wurdlied hat in oanset, sa’t in wurdyn-tern wurdlied foeget.

As it beklamme wurdlied in koart lûd hat ((7b)), dan wurdt it einichste bylûd ferdiel oer beide wurdliiden fan de *y*-namme en foarmet it de koadâ fan it lofter en de oanset fan it rjochter wurdlied, lykas yn *Affy* (af)_σ(fi)_σ en *Hilly* (hɪl)_σ(li)_σ. Dêrmei wurdt der ek oan de twa hjirfoar neamde easken fol-dien, want it lofter wurdlied bestiet sa út twa fonologyske posysjes en it rjochter wurdlied hat in oanset.¹⁴

As de folle foarm – nei in koart lûd – in ambisyllabysk bylûd hat, dan kin datselde bylûd yn de *y*-namme ek as ambisyllabysk foar de hearen komme; dat hat men by de foarmen yn (8):

(8) *foarbylden fan folle foarm en y-namme mei itselde ambisyllabyske bylûd*

<i>folle foarm</i>	<i>y-namme</i>	<i>folle foarm</i>	<i>y-namme</i>
Hesseltsje	Hessy	Willebrord	Willy
Immertsje	Immy	Willem	Willy
Jisseltsje	Jissy	Willemke	Willy
Rommert	Rommy		

It kin lykwols ek wêze, dat it beklamme wurdlied útgiet op in lang lûd, dat fan himsels twa fonologyske posysjes beset. Dêrmei is it oanbelangjende wurdlied lang genôch om op himsels te stean – it is ‘op gewicht’ – en dat soe dan ek genôch wêze moatte.

As it efterheaksel *-y* lykwols oan in wurdlied op in lûd fêstmakke wurdt, dan stjitte der twa lûden opinoar, oars sein, men krijt dan in konstellaasje fan ‘twa fokalen in hiatus’. Al is it net favoryt, tusken wurden is soks yn it Frysk tastien. Yn it wurd is it lykwols ferbean en moat it byholpen wurde. Yn ‘e gewoane regel wurdt dat dien troch it ynfoegjen fan in heallûd tusken

14. It bylûd wurdt dan ambisyllabysk realisearre. Meastal komt dat ek yn de stavering ta utering, sa’t oan bygelyks *A<ff>y*, *A<gg>y*, *A<ll>y*, *Fi<mm>y*, *Fi<nn>y*, *Fo<ll>y*, *Fo<pp>y* en *Ge<rr>y* te sjen is. De primêre (ortografyske) funksje fan de digrafen is hjir om de koartens fan it lûd derfoar oan te jaan, it (fonologyske) gefolch fan de koartens fan de fokaal is de ambisyllabisiteit fan it bylûd dernei. Nammen as *I<m>y*, *Ri<m>y*, *Tri<n>y* en *Wi<p>y* wurde mei in inkel bylûdteken stavere. Soks kin as in oanwizing begrepen wurde, dat <i> hjir fonologysk besjoen fungearret as in lang lûd. It wurdt lykwols koart realisearre, sadat fonologyske lingte en fonetyske doer yn dit gefal net lykop mei-inoar rinne.

de oanbelangjende lûden. Oft dat it heallûd /j/ of /w/ is, wurdt beskaat troch de kwaliteit fan it lofter lûd: /j/ nei in foar-, /w/ nei in efterlûd, sa't oan de foarbylden *seeën* /se:+ən/ (se:)_σ(jən)_σ en *dowen* /do:+ən/ (do:)_σ(wən)_σ ôfnommen wurde kin.

Yn (9) steane y-nammen op basis fan it beklamme wurdlied fan de folle foarm op in lang lûd:

(9) *foarbylden fan y-nammen foarme op basis fan it beklamme wurdlied fan de folle foarm op in lang lûd*¹⁵

<i>y-namme</i>	<i>m/f</i>	<i>folle foarm</i>	<i>y-namme</i>	<i>m/f</i>	<i>folle foarm</i>
Abraham	m	Appy	Helena	f	Leny
Ada	f	Atty	Hike	f	Hiky
Alida	f	Aly	Ibele	m	Ipy
Alofje	f	Aly	Ibeltsje	f	Epy/Ipy
Anthonyus	m	Tony	Jabik	m	Jappy
Arend	m	Atty	Jabikje	f	Jappy
Bearend	m	Benny	Jakoba	f	Koby
Dineke	f	Diny	Judith	f	Judy
Djoeke	m	Doety/Joeky	Pitertsje	f	Pity
Doete	f	Doety	Roelofke	f	Roely
Eabeltsje	f	Eby/Epy	Sibrichje	f	Sipy
Ebe	m	Eppy	Simentsje	f	Simy
Eva	f	Evy	Timen	m	Timy
Geartrude	f	Trudy	Wibren	m	Wipy
Haring	m	Harry	Wibrich	f	Wipy
Heabeltsje	f	Hepy	Wibrichje	f	Wipy

Der hoecht hjir lykwols net in hiatus-konstellaasje tusken it lange lûd fan it beklamme wurdlied fan de folle foarm en it efterheaksel -y (-/i/) ferholpen te wurden. It bylûd dat yn de folle foarm oan it beklamme iepen wurdlied folget 'komt mei oer' yn de y-namme. Dêr foarmet it de oanset fan it y-wurdlied, dat fan (it ûntstean fan) fokalyske hiatus is domwei gjin sprake.¹⁶

15. /i/ (<i>), /y/ (<u>) en /u/ (<oe>) represintearje, fonologysk besjoen, lange lûden (ferlykje de foarige noat).

16. In y-namme kin in neffens it lange lûd fan de folle foarm ferkoarte lûd hawwe, lykas by de pearen *Abraham* ~ *Appy*, *Ada* ~ *Atty*, *Arend* ~ *Atty*, *Bearend* ~ *Benny*, *Eduard* ~ *Eddy* en *Ebe* ~ *Eppy* (sjoch §2.4.2 hjirnei). Yn sa'n gefal wurdt it bylûd dat fan de folle foarm mei oer komt, nei it koarte lûd, ambisyllabysk realisearre en beset it de koada fan it lofter likegoed as de oanset fan it rjochter wurdlied.

Troch dit mei oerkommen fan it bylûd is de *y*-namme gâns better werom te kennen as in ôflieding fan de folle foarm as wannear't der tusken it lange lûd fan de folle foarm en it efterheaksel *-y* in troch dat lange lûd beskaat heallûd ynfoege wurde soe. Dy bettere werkenberheid soe men as de 'funktionele ferklearring' fan dit mei oerkommen begripe kinne. De formele ferklearring is dan it tefoaren kommen fan de ferbeane konstellaasje fan twa fokalen in hiatus yn it wurd.

Ien en oar bringt ús by ynstruksje (4). Dêrneffens moat foar it foarmjen fan in *y*-namme it beklamme wurdlied fan de folle foarm selektarre wurde. Hjirboppe hawwe wy lykwols sjoen, dat dat beklamme wurdlied yn guon gefallen net grut genôch is. De ynstruksje sil op dit punt dan ek oanpast wurde moatte, sjoch (10):

(10) *utwreide ynstruksje foar it foarmjen fan y-nammen*

algemiene ynstruksje:

Selektarre as útgongspunt foar it foarmjen fan de *y*-namme it beklamme wurdlied fan de folle foarm fan de namme.

neiere ynstruksjes:

As it beklamme wurdlied op in lang lûd of in lange fokalyske sekwinsje útgiet, selektarre dan it folgjende bylûd ek.

De folle foarm *Jakoba* wurdt syllabifisearre as (ja.)_σ'(ko:)_σ(ba:)_σ. Neffens ynstruksje (4) soe it útgongspunt foar it foarmjen fan de *y*-namme de sekwinsje (ko:) wêze, neffens de útwreide ynstruksje yn (10) is dat lykwols (ko:b). Dy sekwinsje is de grûnslach fan de *y*-namme *Koby*.¹⁷

2.3 *y*-nammen en ûnmarkearre fonologyske patroanen

Yn flaaianammen komme typysk de ûnmarkearre fonologyske patroanen oan it ljocht (sjoch Visser (2010)), wat by ferlytingsnammen net of yn alle gefallen folle minder sa is. It hat doel om dit foar de *y*-nammen nei te gean, om sa better sicht te krijen op it plak dêrfan yn it (flaai)nammelânskip. De neikommende markearre fonologyske patroanen, dy't yn de folle foarmen fan nammen foarkomme, wurde behannele: komplekse fokalyske sekwinsjes (§2.3.1), nasale fokalen (§2.3.2), bylûdkloften (§§ 2.3.3. en 2.3.4).

17. Dat de algemiene hjir troch de neiere ynstruksje oan 'e kant skood wurdt, is neffens it *Elsewhere Principle*: as beide ynstruksjes op in folle foarm fan tapassing binne, dan giet de spesifik(er)e foar de algemien(er)e.

2.3.1 Komplekse fokalyske sekwinsjes

Flaainammen hawwe gjin komplekse fokalyske sekwinsjes, mar allinnich ienlûden. Yn it oersjoch yn (11) is te sjen, hoe't dat mei de y-nammen sit.

(11) *y-nammen neist folle foarmen mei in komplekse fokalyske sekwinsje*

a. *mei in ienlûd yn de y-namme*

<i>folle foarm</i>	<i>m/f</i>	<i>y-namme</i>	<i>folle foarm</i>	<i>m/f</i>	<i>y-namme</i>
Eabeltsje	f	Eby/Epy	Geartsje	f	Gerry
Easge	m	Eggy	Heintsje	f	Henny
Eeuwkje	f	Evy	R[uə]ltsje	f	R[u]ly

b. *mei in komplekse fokalyske sekwinsje yn de y-namme*

<i>folle foarm</i>	<i>m/f</i>	<i>y-namme</i>	<i>folle foarm</i>	<i>m/f</i>	<i>y-namme</i>
Doutsen	f	Doutsy	Meintsje	f	Meiny
Geartsje	f	Geary	Rein	m	Reiny
Heiltsje	f	Heily	Reintsje	f	Reiny

It tal foarmen yn myn korpus is net oergrut. De nammen mei in ienlûd en dy mei in komplekse fokalyske sekwinsje hâlde inoar moai aardich yn it lykwicht. De y-nammen sitte hjir dus tusken flaii- en ferlytsingsnammen yn.¹⁸

2.3.2 Nasale fokalen

Yn flaainammen hat men gjin nasale fokalen (ûnderlizzend de sekwinsje fo-kaal + /n/ + kontinuante konsonant). Hoe't dat mei de y-nammen sit, lit it oersjoch yn (12) sjen.

(12) *y-nammen neist folle foarmen mei in nasaal lûd*

<i>folle foarm</i>	<i>m/f</i>	<i>y-namme</i>	<i>folle foarm</i>	<i>m/f</i>	<i>y-namme</i>
Anskje	f	Hanny	Rinse	m	Renny
Bonze	m	Benny	Rinske	f	Pinny/ Reny/ Renny/Rinny
Hanskje	f	Hanny			
Henri	m	Harry			

18. Yn *Ruerd/Ruerdina* stiet it sintralisearjend twilûd /yə/ foar in ûnderlizzende /r/ (Visser (2014)), in posysje dêr't it ienlûd /y:/ net mooglik is, wylst /yə/ net kin foar /d/. De /y/ yn de y-namme *Rudy* moat foar it neist dan ek primêr ferklearre wurde as in gefolch fan it oansluten by de fonotaksis fan it Frysk en net as in gefal fan it ferienfâldigjen fan in komplekse fonologyske sekwinsje. It pear *Sjoerdsje* /uə/ ~ *Toeky* /u/ jildt itselde foar: /u/ kin net foar /r/, /uə/ net foar /k/. In namme as *Rudy* kin fansels ek út it Nederlânsk liend wêze, in mooglikheid dy't Fryskpraters altyd ta har foldwaan hawwe.

Al is it tal foarmen wer net grut, *y*-nammen mei nasale fokalen komme yn myn korpus net foar. Wat dat oangiet geane *y*-nammen en flaaïnammen fol-slein mei-inoar lykop. De ûnderlizzende /n/, dy't yn de útspraak fan de folle foarm allinnich oan de nasalens fan de fokaal werom te kennen is, komt yn de *y*-namme altyd oan it ljocht (op it gefal *Harry* < *Henri* nei).

2.3.3 Bylûdkloften

Bylûdkloften komme yn flaaïnammen net foar. Sjoch it oersjoch yn (13) foar hoe't soks by de *y*-nammen sit.

(13) *y*-nammen neist folle foarmen mei in bylûdkloft

a. *mei deselde bylûdkloft as dy oan it begjin fan it wurdlid fan de folle foarm dat it útgongspunt fan de y-namme is*

<i>folle foarm</i>	<i>m/f</i>	<i>y-namme</i>	<i>folle foarm</i>	<i>m/f</i>	<i>y-namme</i>
Alfred	m	Freddy	Tjinkje	f	Tjimmy
Frederik	m	Freddy	Tjitske	f	Tjitty
Frederike	f	Fredy	Tryntsje	f	Triny
Frone	f	Frony	Tsjaltsje	f	Tsjally
Geartrude	f	Trudy	Tsjepkje	f	Tsjeppy
Gertrudis	f	Trudy			

b. *mei deselde ynterne bylûdsekwinsje as yn de folle foarm*

<i>folle foarm</i>	<i>m/f</i>	<i>y-namme</i>	<i>folle foarm</i>	<i>m/f</i>	<i>y-namme</i>
Wilhelmina	f	Helmi	Sjerpke	f	Sjerpy

c. *mei deselde bylûdkloft as dy oan 'e ein fan de folle foarm'*¹⁹

<i>folle foarm</i>	<i>m/f</i>	<i>y-namme</i>	<i>folle foarm</i>	<i>m/f</i>	<i>y-namme</i>
Anke	f	Anky	Minke	f	Minky
Henk	m	Henky			

19. *Anke* en *Minke* binne ferlytsingsnammen (mei it suffiks *-ke*). Gewoanwei krijt ôflieding syn beslach op basis fan de stam. By it foarmjen fan de *y*-nammen *Anky* en *Minky* lykwols is de stam (*An* en *Min*) net it útgongspunt. Dat is hjir de hiele ferlytsingsnamme, dy't morfologysk ûntrochsichtich wurden wêze moat. De einichste sjwa fan de folle foarm, *Anke* en *Minke*, funksjonearret dan as in stamútwreiding, dy't by ôflieding gjin rol spilet.

- d. *mei in nei in nasaal bylûd ynfoege homorgane ploffer*
- | <i>folle foarm</i> | | | <i>m/f</i> | <i>y-namme</i> | <i>folle foarm</i> | | | <i>m/f</i> | <i>y-namme</i> |
|--------------------|---|-------|------------|----------------|--------------------|---|-------|------------|----------------|
| Harmen | m | Hampy | | | Johannes | m | Hampy | | |
| Ymkje | f | Ympy | | | Willem | m | Wimpy | | |
| Johanna | f | Honky | | | | | | | |
- e. *mei it komplekse segmint /ts/*
- | <i>folle foarm</i> | | | <i>m/f</i> | <i>y-namme</i> | <i>folle foarm</i> | | | <i>m/f</i> | <i>y-namme</i> |
|--------------------|---|--------|------------|----------------|--------------------|---|-------|------------|----------------|
| Bodina | f | Botsy | | | Eibertsje | f | Betsy | | |
| Doutsen | f | Doutsy | | | Elisabeth | f | Betsy | | |
- f. *mei in komplekse oanset fan de foarm obstruint + likwide, dy't yn de folle foarm oer twa oansetten ferdielid wie*
- | <i>folle foarm</i> | | | <i>m/f</i> | <i>y-namme</i> | <i>folle foarm</i> | | | <i>m/f</i> | <i>y-namme</i> |
|--------------------|---|-------|------------|----------------|--------------------|---|-------|------------|----------------|
| Apolonia | f | Plony | | | Veronica | f | Vrony | | |
- g. *mei in neffens de folle foarm ferienfâldige bylûdkloft oan it wurd-begjin*
- | <i>folle foarm</i> | | | <i>m/f</i> | <i>y-namme</i> | <i>folle foarm</i> | | | <i>m/f</i> | <i>y-namme</i> |
|--------------------|---|---------------------|------------|----------------|--------------------|---|--------|------------|----------------|
| Brechtsje | f | Betty | | | Tsjaltsje | f | Sjolly | | |
| Djoeke | m | Doety/Joeky | | | Tsjerk | m | Tekky | | |
| Gjerryt | m | Gerry | | | Tsjipkje | f | Sippy | | |
| Hjepkje | f | Heppy ²⁰ | | | Tsjitske | f | Tity | | |
| Tryntsje | f | Tiny | | | | | | | |
- h. *mei in neffens de folle foarm ferienfâldige bylûdkloft en oanpast bylûd*
- | <i>folle foarm</i> | | | <i>m/f</i> | <i>y-namme</i> | <i>folle foarm</i> | | | <i>m/f</i> | <i>y-namme</i> |
|--------------------|---|-------|------------|----------------|--------------------|---|-------|------------|----------------|
| Gjalt | m | Kokky | | | Sjoerdsje | f | Toeky | | |
| Tryntsje | f | Niny | | | pake | m | kaky | | |

20. Omdat /h/ allinnich troch in lûd folge wurde mei, hie fan *Hjepkje* ek de y-namme *Jep-py* ôflaat wurde kinnen (ferl. *Djoeke* ~ *Doety/Joeky* hjirboppe en *heare* [hɪərə] neist *hearre* [jɛ(:)rə]). Der is hjir lykwols foar *Heppy* keazen, dêr't ek yn meispylje kin, dat it ferbân mei de folle foarm sa yn 'e staving trochsichtich holden wurdt. Dat is ek praktysk, omdat foarnammen op skrift faak ôfkoarte wurde ta de earste letter. Heppy Dyk-Van der Meer bygelyks wurdt sa H. Dyk-Van der Meer, wat in dúdliker ferbân mei *Hjepkje* jout as J. Dyk-Van der Meer. Der kin hjir dus mear yn it spul wêze as de suvere fonology.

It mei dúdlik wêze, dat sekwinsjes fan bylûden yn *y*-nammen in plak hawwe. It giet dêrby dan wol om ûnmarkearre patroanen. De kloften oan it wurdbegjin yn (13a,f) binne meast fan de foarm obstruint + likwide, mei de steil oprinnende sonoriteit dy't yn de oanset favoryt is.²¹ Yn (13b) hat men mei ...l/r)_σ σ(m/p... in tige goed syllabekontakt, wylst homorgane kloften fan noaslûd + ploffer ((13c,d)) ek sûnder wryt of slyt binne. Yn (13e) wurdt oansletten by it distribúsjonele patroan dat /ts/ mar allinnich foar /i/ foarkomme kin. It patroan fan (lûdreduksje en) lûdútfal yn (13f) fynt men ek yn lienwurden, lykas *blâns* (út en neist *b[ə]lâns* < *balâns*) en *sigret* (út en neist *sig[ə]ret* < *sigaret*). Oan de gefallen yn (13g) is te sjen, dat fan in bylûdkloft oan it begjin fan de folle foarm it minst sonoare segmint, de obstruint, meast oerbliuwt; dat is ek te ferwachtsjen, omdat it wurdbegjin in segminteel besjoen 'sterke' posysje is.²²

De gefallen yn (13h), as lêste, kin út ôfnommen wurde, dat it fan de ferienfâldiging oerbleaune bylûd oanpast wurde kin. Yn *Gjalt* ~ *Kokky* is de stimhawwende felare ploffer /g/ omset nei syn stimleaze wjergader /k/, sa't by *Sjoerdsje* ~ *Toeky* de stimleaze koronale rûzer /s/ omset is nei de stimleaze koronale ploffer /t/. Yn beide gefallen giet it om oansetfersterking, want in stimleaze ploffer is it sterkste slach bylûd dat der is.²³ By *Tryntsje* ~ *Niny* liket it de oare kant út te wurkjen, want al hawwe noaslûden en ploffers aardich wat eigenskippen ien en mien – de noaslûden wurde ek wol ta de ploffers rekkene –, likegoed binne noaslûden sonoarder as ploffers. Wat hjir meispilet, is dat men yn *Niny* twa gelikense bylûden hat; dat jildt ek foar *Kokky* (en ferlykje *Wilhelmina* ~ *Mimy* en *Minke* ~ *Miny/Mimy*). Dizze 'konsonantharmony' is in opfallend ferskynsel by flainammen (Visser (2010:61-63)). Dêrmei hat men hjir in oanwizing dat flainammepatroanen

21. Yn *Tsjally* en *Tsjeppy* telt /ts/ as ien (kompleks) segmint. De sekwinsje obstruint + heallûd dy't men yn *Tjimmy* en *Tjitty* hat, jout in noch steiler sonoriteitsferrin as obstruint + likwide.

22. De foarm dy't dêr tsjin yngiet, is *Joeky*, dêr't men *Doeky* ferwachtsje soe. De fan *Tsjaltsje*, *Tsjerk*, *Tsjipkje* en *Tsjitske* ôflate *y*-nammen *Sjolly*, *Tekky*, *Sippy* en *Tity* litte sjen, dat it mei it ferienfâldigjen fan de begjinkloft *tsj-* gâns kanten út kin, lykas by 'gewoane' wurden, sjoch wurdpearen lykas *tsjems* ~ *tjems*, *tsjapkje* ~ *tjapkje*, *tsjirk* ~ *tjirk*, *tsjoele* ~ *sjoele* en *tsjasker* ~ *jasker* (Tamminga (1987)). By it pear *Tsjitske* ~ *Tity* is *tsj-* ta *t-* ferienfâldige, in patroan dat men by gewoane wurden lykwols net hat.

23. Men soe ek oannimme kinne, dat *gj-* (*Gjalt*) en *sj-* (*Sjoerdsje*) yn ien kear troch *k-* en *t-* ferfongen binne en net oer it tuskenstadium *g-* en *s-*. Dan mist men lykwols it ferbân mei de ferienfâldiging fan bylûdkloften en oansetfersterking yn it algemien.

faar stean kinne oer patroanen yn y-nammen, oars sein, dat y-nammen om samar te sizzen ‘parasitearje’ kinne op flainammen.²⁴²⁵

2.3.4 Nochris bylûdkloften

De folle foarm fan in namme kin yntern in sekwinsje fan bylûden hawwe. Neffens de útwreide ynstruksje yn (10) wurdt foar it foarmjen fan in y-namme it beklamme wurdlid fan de folle foarm as útgongspunt selektarre, útsein as dat op in lang lûd of in lange fokalyske sekwinsje útgiet, want dan moat it folgjende bylûd der ek ta rekkene wurde. Dêrneffens komt allinnich it lofter bylûd fan in namme-ynterne bylûdsekwinsje yn de y-namme mei. Dat is ek fierhinne sa, sa’t it oersjoch yn (14) sjen lit:

(14) *y-nammen en wurdynterne bylûdkloften yn de folle foarm: lofts wint*

<i>folle foarm</i>	<i>m/f</i>	<i>y-namme</i>	<i>folle foarm</i>	<i>m/f</i>	<i>y-namme</i>
Aaldrik	m	Aly	Itsje	f	Itty
Aaltsje	f	Aly	Ytsje	f	Ity
Afke	f	Affy	Janke	f	Janny
Agnes	f	Aggy	Jantsje	f	Janny
Albertsje	f	Ally	Jelkje	f	Jelly
Aldert	m	Ally	Jelske	f	Jelly
Anskje	f	Hanny	Jeltsje	f	Jelly
Antsje	f	Anny	Jente	f	Jenny
Atsje	f	Atty	Jentsje	f	Jenny
Betsje	f	Betty	Jetske	f	Jetty

24. By *Jantsje* ~ *Tanny* is it inkele heallûd /j/ ta /t/ fersterke, yn harmony mei de /n/ fierderop. Yn dit ferbân is it ek te ferklearjen, dat de folle foarm *Djoeke* de y-namme *Doety* opsmyt, mei ‘koronale harmony’ tusken /d/ en /t/, wylst by de ferienfâlding fan de sekwinsjw /dj/ ta /j/ de /k/ fierderop yn de namme net feroaret: *Djoeke* ~ *Joeky*. It pear *pake* ~ *kaky* komt út in advertinsje fan de pakesizzers fan de ferstoarne. Der is hjir ‘felare harmony’ tusken /p/ en /k/. De sibskipsterm *pake* kin as in persoansnamme fungearje (sjoch noat 3 hjirfoar) en dan kin der dus ek in y-namme fan ôflaat wurde (dêrneist komt *pake* ~ *paky* ek foar).

Nine is in flainamme fan *Tryntsje* (ferlykje it dêrfan ôflate *Nynke*). De flainamme *Kokke* komt foar, neist *Folkje*, *Jabik/Jakob/Japik* en *Joukje/Sjouke/Sjoukje*, mar net neist *Gjalt*; dat lêste kin lykwols ek in tafallich gat yn myn samling flainammen wêze.

25. By *Anskje* ~ *Hanny* komt der in bylûd oan it begjin by; dat /a/- sa ta /ha/- fersterke wurdt, is in bekend patroan yn it Frysk, lykas yn *halún* (út en neist *alún*), *harkeniel* (út en neist *arkeniel*) en *haverij* (út en neist *averij*) (sjoch Visser (1997:44-45)). Dat *Lamkje* de y-namme *Ammy*, mei in lûd oan it wurdbegjin, neist him krigen hat, is lykwols min te ferklearjen.

Betske	f	Betty	Hendrikus	m	Henny
Bintsje	f	Binny	Hepke	f	Heppy
Bontsje	f	Bonny	Hester	f	Hessy
Burchhard	m	Burry	Hylkje	f	Hilly
Detsje	f	Detty	Hiltsje	f	Hilly
Doetsje	f	Doety	Hindrikje	f	Henny
Eelkje	f	Ely/Elly	Hinke	f	Henny
Elske	f	Elly	Hiske	f	Hissy
Etsje	f	Etty	Hjepkje	f	Heppy
Femke	f	Femmy	Holkje	f	Holly
Fentsje	f	Fenny	Hotske	f	Hotty
Ferdinand	m	Ferry	Idskjen	f	Itty
Fetsje	f	Fetty	Imke	f	Emmy/Immy
Fimke	f	Fimmy	Imkje	f	Emmy
Fintsje	f	Finny	Ymkje	f	Imy/Emmy
Folkert	m	Folly	Jitske	f	Jitty
Fopkje	f	Foppy	Kornelia	f	Korry
Gaatske	f	Gaty	Kornelis	m	Korry
Geartsje	f	Geary/ Gerry ²⁶	Kornelisje	f	Korry
Gelske	f	Gelly	Korneliske	f	Korry
Gepke	f	Geppy	Lamkje	f	Lammy
Gerbrich	f	Gerry	Leendert	m	Leny
Gerbrichje	f	Gerry	Leentsje	f	Leny
Gerkje	f	Gerry	Lemke	f	Limmy
Gerlofke	f	Gerry	Martsje	f	Matty
Gontsje	f	Gonny	Meintsje	f	Meiny
Hanskje	f	Hanny	Metsje	f	Metty
Hantsje	f	Hanny	Minke	f	Mিনny/Mimyy
Harke	m	Harry	Neeltsje	f	Nely/Nelly
Harmen	m	Harry	Oepke	m	Oepy
Heiltsje	f	Heily	Pytsje	f	Pity
Heintsje	f	Henny	Reintsje	f	Reiny
Hendrik	m	Henny	Rykje	f	Riky
Hendrika	f	Henny	Rimkje	f	Rimyy
Hendrikje	f	Henny	Rymkje	f	Rimy

26. De namme *Geartsje* is fan *Geart* ôflaat. Algemiën wurdt oannommen, dat de /r/ yn foarmen as *Geart*, foar it tosklûd /t/, stom is en dat de ûnderlizzende represintaasje /gɪər/ is. De op basis fan *Geartsje* foarme y-nammen *Geary* en *Gerry* lykje der lykwols op te wizen, dat /r/ der yn de ûnderlizzende represintaasje al is (/gɪər/). Sa'n analyze wurdt yn Visser (2014) nei foaren brocht. Neist *Martsje* stiet lykwols de y-namme *Matty*, wylst *Marry* net belein is; dat wiist de oare kant út.

Rinkje	f	Rinny	Teuntsje	f	Teuny
Rinse	m	Renny	Tytsje	f	Tity
Rinske	f	Reny/ Renny/ Rinny	Tjimkje	f	Tjimmy
Rintsje	f	Rinny	Tjitske	f	Tjitty
Roeltsje	f	Roely	Tryntsje	f	Triny
Romkje	f	Rommy	Tsjaltsje	f	Tsjally
Saapke	f	Sappy	Tsjepkje	f	Tsjeppy
Sepkje	f	Seppy	Tsjipkje	f	Sippy
Symkje	f	Simy	Tsjitske	f	Tity
Sipkje	f	Sippy	Wemle	f	Wimmy
Sytske	f	Sity	Wilhelmina	f	Willy
Swaantsje	f	Swany	Wimke	f	Wimmy
Taapke	f	Tappy	Wypkje	f	Wipy
Tetsje	f	Tetty	Wytske	f	Wity ²⁷
			Wopkje	f	Woppy

Sa net, der binne ek gefallen dat it rjochter bylûd mei oerkomt, sjoch (15):

(15) *y-nammen en wurdynterne bylûdkloften yn de folle foarm: rjochts wint*

<i>folle foarm</i>	<i>m/f</i>	<i>y-namme</i>	<i>folle foarm</i>	<i>m/f</i>	<i>y-namme</i>
Barteltsje	f	Batty	Esther	f	Etty ²⁸
Bernard	m	Benny	Harmen	m	Hammy
Bernardus	m	Benny	Harmke	f	Hammy
Bertha	f	Betty	Henri	m	Harry ²⁹
Easge	m	Eggy	Martha	f	Matty
Eeltsje	m	Edy	Martsje	f	Matty
Egbert	m	Eppy	Ulbe	m	Uppy
Egbertsje	f	Eppy			

As *Martsje* in stomme /ɾ/ hat (*mat+tsje*), dan is der gjin ynterne bylûdkloft en is inkel de *y-namme* *Matty* te ferwachtsjen. Hat *Martsje* al in /ɾ/ yn de ûnderlizzende represintaasje (*mart+tsje*) – de realisearring [a], ynsteed fan [ɔ], wiist dy kant wol út –, dan wint it rjochter, minder sonoare bylûd it pleit.³⁰ Analogy neffens *Martha* ~ *Matty* kin fansels ek noch in rol spylje. By

27. Yn de advertinsje yn de krante stavere as *Wytsche* ~ *Vity*.

28. Ferlykje *Hester* ~ *Hessy*, mei in hast gelikense struktuer, dêr't it lofter bylûd it wint.

29. Dit is it iennichste gefal dat it nasale lûd fan de folle foarm net as de sekwinsje lûd + /n/ yn de *y-namme* werom komt (sjoch §2.3.2 hjirfoar).

30. Dat jildt dan ek foar *Barteltsje* ~ *Batty*.

Harmke ~ *Hammy* liket it frij dúdlik, dat *Hammy* op basis fan de flainamme *Hamme* foarme is, dat ek foar *Harmen* ~ *Hammy* jildt.³¹

By de oare folle foarmen yn (15) is it lofter bylûd sonoarder as it rjochter.³² As oanset fan it /i/-wurdlid is it konsonantysk sterkere rjochter bylûd gaadliker, en dat smyt ek nochris in poerbêst syllabekontakt op. It hoecht jin sa lyk dan ek gjin nij te dwaan, dat it lofter bylûd belies jout en net meikomt yn de y-namme.

Yn (13c) hawwe wy sjoen, dat in bylûdkloft oan ‘e ein fan de stam fan de folle foarm mei oer komme kin yn de y-namme (en dêr dan oer de twa wurdliden fan sa’n namme ferdield wurdt). De foarbylden dy’t dêr jûn wurde, binne *Anke* ~ *Anky*, *Henk* ~ *Henky* en *Minke* ~ *Minky*. Sokke bylûdkloften kinne ek ferienfâldige wurde, sa’t it oersjoch yn (16) sjen lit:

(16) yn de y-namme ferienfâldige bylûdkloften oan de ein fan de folle foarm

Dirk	m	Dikky (Dicky)	Ruerd	m	Rudy ³⁴
Durk	m	Dukky ³³	Tsjerk	m	Tekky
Harm	m	Harry			

Al binne der net folle gefallen, hjir liket it ek sa te wêzen, dat it konsonantysk sterkere rjochter bylûd it gaadlikste is as oanset fan it /i/-wurdlid en dat it sonoardere lofter bylûd dêrom net mei oer komt yn de y-namme.

De iennichste útsûndering is *Harm* ~ *Harry*, mar der moat ek wiisd wurde op *Harmen* ~ *Hammy*. Al is de likwide /r/ sonoarder as it noaslûd /m/, it ferskil yn sonoriteit tusken /r/ en de (stimleaze) ploffer /k/ is gâns grutter,

31. Dan moat men fansels ferklearje kinne, wêrom oft dy flainamme net *Harre* wurden is. Neist *Harmen* hat men ommers ek de y-namme *Harry* (ferlykje noat 35 hjirnei).

32. *Easge* is, mei in ynterne kloft fan stimhawwende frikativen, in útsûndering.

33. Ferlykje de frouljusnammen *Dirkje* ~ *Dikky* (*Dicky*) en *Durkje* ~ *Dukky*.

34. De namme *Ruerd* soe in /r/ yn de ûnderlizzende represintaasje hawwe kinne (ferlykje wat hjirboppe oer *Martsje* sein is). It beklamme wurdlid fan de folle foarm is it útgongspunt foar it foarmjen fan de y-namme (sjoch de ‘algemiene ynstruksje’ fan (10)). Foar de foarming fan de y-namme moat de folle foarm dus fonologyske bewurking – syllabifikaasje en klamtawizing – ûndergien hawwe, oars is it beklamme wurdlid net ‘beskikber’ (ferlykje noat 9 hjirfoar). Yn dat stadium fan de bewurking is de ûnderlizzende /r/ al delearre (Visser (2014)) en hoecht men foar *Ruerd* ~ *Rudy* gjin ferienfâldiging fan de bylûdkloft -/rd/- oan te nimmen. Hoe’t *Geary* en *Gerry*, neist *Geartsje*, oan har /r/ komme, is dan wol wer in probleem.

wat de kar by de einkloft *-/rk/* (*Tsjerk ~ Tekky*) dan ek makliker makket as by *-/rm/* (*Harm ~ Hammy/Harry*).³⁵

2.4 *y*-nammen en oare fonologyske patroanen

Yn *y*-nammen binne ek oare fonologyske patroanen te obstrewearjen, dêr't yn dizze paragraaf in oersjoch fan jûn wurdt. It binne patroanen mei in lytser berik as deselden fan de foarige paragraaf, oars sein, patroanen mei mear útsûnderingen. Yn §2.4.1 giet it om stimleaze obstruinten, yn §2.4.2 om lûdferkoarting, yn §2.4.3 om it ynfoegjen fan in (homorgane) ploffer nei in noaslûd en, as lêste, yn §2.4.4 om de oergong fan */ɔ/* nei */a/* yn *y*-nammen foar froulju.

2.4.1 Stimleaze obstruinten

Hoekstra (1998:85-86) jout de *y*-nammen yn (17) as foarbyld:

(17) *de foarbylden fan y*-nammen yn Hoekstra (1998:85-86)

<i>Jappy</i>	(út en neist <i>Jabik</i>)	<i>Jetty</i>	(út en neist <i>Jetske</i>)
<i>Hepy</i>	(út en neist <i>Heabeltsje</i>)	<i>Sappy</i>	(út en neist <i>Saapke</i>)
<i>Sippy</i>	(út en neist <i>Sibbeltsje</i>)		

Oer de foarmkant fan de nammen merkt er op: “Sa’t oan ‘e foarbylden bliken docht, (wurdt) by ôflieding mei *-y* (...) in stimhawwende ploffer oan ‘e ein fan it behoffene grûnwurd stimleas.” Yn (18) wurde mear gefallen jûn fan *y*-nammen mei in stimleaze ploffer neist in folle foarm mei in stimhawwenden ien:

(18) *y*-nammen mei in stimleaze neist in folle foarm mei in stimhawwende ploffer³⁶

<i>folle foarm</i>	<i>m/f</i>	<i>y</i> -namme	<i>folle foarm</i>	<i>m/f</i>	<i>y</i> -namme
Abel	m	Appy	Jabik	m	Jappy
Abraham	m	Appy	Jabikje	f	Jappy

35. Neist *Dirk/Dirkje* en *Durk* komme de flainammen *Dirre* en *Durre* oars al foar. De manljusnamme *Harry* is der in skoft foar ‘flot’ op trochgongen en wie yn Nederlân frij populêr; dat kin de fonologysk besjoen wat minder oannimlike ôflieding út *Harmen* mei oerhelle hawwe.

36. Yn *Tetsje ~ Teddy* giet it fan stimleas nei stimhawwend; dat is it iennichste gefal fan dizze feroaring dat ik by de *y*-nammen tsjinkommen bin. Der moat hjir ek wer mei rekkene wurde – ferlykje de foarige noat – dat de frouljusnamme *Teddy* in skoft in populêre namme wie, mooglik mei troch de sjongeres *Teddy Scholten* (Dorothea Margaretha Scholten-van Zwieteren, 1926-2010), dy’t yn 1959 ek nochris it Eurovisie-songfestival wûn (mei “Een beetje”).

Ada	f	Atty	Jobje	f	Joppy
Ebbel	m	Eppy	Sibbeltsje	f	Sippy
Ebe	m	Eppy	Sibrichje	f	Sipy
Egbert	m	Eppy	Ulbe	m	Uppy
Egbertsje	f	Eppy	Wibe	m	Wipy
Heabeltsje	f	Hepy	Wibren	m	Wipy
Ybele	m	Ypy	Wibrich	f	Wipy
Ybeltsje	f	Epy/Ypy	Wibrichje	f	Wipy

It stimleas wurden fan ûnderlizzend stimhawwende obstruinten hat men ek by ferlytsingswurdfoarming (Visser (1989)). It dúdlikst is dat te sjen oan pearren wurden as *eagje*, *swolgje*, *riigje* (tiidwurden, mei [ɣ]) ~ *eachje*, *swolchje*, *rychje* (ferlytsingswurden, mei [x]), ôflaat fan de haadwurden *each*, *swolch*, *rige*, mei in ûnderlizzende /ɣ/. Wat dat oangiet, lykje *y*-nammen en ferlytsingswurden lykop te rinnen.³⁷

2.4.2 Lûdferkoarting

As in grûnwurd mei in lang ienlûd troch bûging of ôflieding langer wurdt, dan ûndergiet it lange lûd wol gauris ferkoarting. Dat docht him ek foar by *y*-nammen, sa't it oersjoch yn (19) sjen lit:

(19) *y*-nammen mei in neffens it lûd fan de folle foarm ferkoarte lûd

Aafke	f	Affy	Rinse	m	Renny
Abel	m	Appy	Rinske	f	Renny/Rinny
Ada	f	Atty	Saapke	f	Sappy
Arend	m	Atty	Sibe	m	Sipy
Geeltsje	f	Gilly	Taapke	f	Tappy
Neeltsje	f	Nelly ³⁸			

Mei it lange lûd /e:/ kin it twa kanten út: yn *Neeltsje* ~ *Nelly* korrespondearret it mei /ɛ/, yn *Geeltsje* ~ *Gilly* mei /ɪ/. Sokssawat hat men ek, mar dan oarsom, yn it Nederlânsk, dêr't /ɪ/ en /ɛ/ by gefallen fan rekking yn iepen wurdlied beide as /e:/ oan it ljocht komme, lykas yn *ship* ~ *schepen* en *spel* ~ *spelen*. Dat /e:/ en /ɪ/ wat mei-inoar hawwe, kin men ek oan wurdpearren as *heech* ~ *hichte*, *reek* ~ *rikje*, *telefoan* ~ *tillefoan* en *ferskele* ~ *ferskille* sjen. De wiksel /e:/ ~ /ɛ/ oppenearret him allinnich by nammen.

37. Dat de *y*-namme *Eggy* deselde stimhawwende [ɣ] hat as de folle foarm *Easge*, jout oan dat it foarmjen fan *y*-nammen net alhiel mei ferlytsingswurdfoarming lykslein wurde mei, dêr't yn §1.2 hjirfoar mear reden foar bybrocht binne.

38. De *y*-namme *Nely*, mei it lange lûd [e:], komt dêrneist ek foar; sa hat men neist *Rinske* en *Frederike* de *y*-nammen *R[e:]ny/R[e]nny* en *Fr[e:]dy/Fr[e]ddy*.

De namme *Rinse/Rinske* is in wat oar gefal, omdat it lûd yn dy kontekst, foar de sekwinsje $-n\{s/z\}$, systematysk lang is. Yn sokke wurden is der altyd nasalearring, dêr't de rûzer /s/ de kondysjonearjende faktor foar is. As /s/ der net mear is, wurdt de langens fan it lûd net mear kontekstueel ôftwongen en kin de koarte wjergader, beselskippe fan /n/, oan it ljocht komme: $R[\tilde{e}:]ske \sim R[e:]ny/R[\varepsilon]nny$.

Apart is it dat brekking, it oare slach lûdferkoarting, him yn y-nammen net foardocht, wylst der wol folle foarmen mei in sintralisearjend bylûd binne.

2.4.3 Ynfoeging fan in homorgane ploffer nei in noaslûd

Yn (13d) stiet in oersjoch fan y-nammen mei in nei in noaslûd ynfoege homorgane ploffer, dat hjir as (20) efterhelle wurdt:

(20) *y-nammen mei in nei in noaslûd ynfoege homorgane ploffer*

<i>folle foarm</i>	<i>m/f</i>	<i>y-namme</i>	<i>folle foarm</i>	<i>m/f</i>	<i>y-namme</i>
Harmen	m	Hampy	Johannes	m	Hampy
Ymkje	f	Ympy	Willem	m	Wimpy
Johanna	f	Honky			

Al bin ik dy namme net tsjinkommen, om by dit patroan oanslute te kinnen, moat oannommen wurde, dat neist *Willem* de y-namme *Wimmy* stiet, sa't men dy neist *Willemke* en *Wimke* ek hat (sokke nammen sitte yn ien en itselde netwurk, sjoch §4 hjirnei).³⁹

Der binne ek ferlytsingsnammen op *-mpje*, lykas *Fempje* en *Nampje* (sjoch Visser (2003:296-297)).⁴⁰ Sokke nammen, krekt as deselden yn (20), liket in Nederlânsk rookje oan te sitten. It Nederlânsk hat op 't lêst it ferlytsingsuffix *-pje*, wylst it Frysk gjin suffixen mei /p/ hat. De /p/ is homorgaan mei it noaslûd derfoar, wat in ûnmarkearre sekwinsje fan noaslûd + ploffer opsmyt. Oan *Hanny* ~ *Hampy* (by *Johannes*) kin men sjen, dat dy eask fan homorganens sa sterk is, dat /n/ nei /m/ omset wurde kin. It Neder-

39. By lienwurden kin men it ferskynsel obstrewearje dat der in homorgaan noaslûd foar in ploffer ynfoege wurdt, lykas by *pampier/pompier* (út en neist *papier*; Visser (2000: 166)) en *rotonde*, dat in soad as *rontonde* realisearre wurdt.

40. Yn Visser (2003:303, noat 91) wurdt *-pje* yn nammen as in apart ferlytsingsuffix analysearre, want de namme *Harpje/Herpje* past yn itselde patroan as bygelyks *Formke* en *Germtsje*, dêr't *-ke* en *-tsje* kleardernôch suffixen binne. Dit soe dan in ferlytsingsuffix wêze dat allinnich by nammen en net by haadwurden foarkomt.

lânske suffiks *-pje* wurdt ek inkel oan in haadwurd op (lang lûd +) /m/ fêstmakke, dat dêr is in homorgane kloft fan noaslûd + ploffer ek it einbeslút.

2.4.4 Fan /ɔ/ nei /a/

In stevich yn it Frysk bewoartele lûdpatroan is, dat it koarte, iepene lûd /a/ binnen ien en itselde wurd net foar koronale bylûden – dy fan it wurd *soldaten* – stean mei (Sipma (1913:6, punt 8), Sytstra en Hof (1925:10), Tiersma (1985:12;1999²:10), Popkema (2006:64)). Sa hat it haadwurd *jas*, nettsjinsteande de stavering mei <a>, de ûnderlizzende represintaasje /jɔs/, en net */jas/. En foar de namme *Jan* is dat /jɔn/, en net */jan/.

It patroan is net spikerhurd, want foarmen mei /a/ foar in koronaal komme wol foar, lykas yn *hast*, *hastich*, *hazze* en *master*. Dat is ek sa by nammen, dêr't de /ɔ/ fan de folle foarm fan in namme yn de y-namme as /a/ oan it ljocht komme kin. Yn (21) steane de gefallen dy't ik tsjinkommen bin:

(21) *folle foarmen mei /ɔ/ neist y-nammen mei /a/*

folle foarm (/ɔ/) m/f y-namme (/a/)

Anskje	f	Hanny
Antsje	f	Anny
Jantsje	f	Janny/Tanny

Mei nammen op *-eke* hat men dit ek, lykas by de nammepearen *Antsje* ~ *Anneke* en *Jantsje* ~ *Janneke*. Giet it yn (21) om it nasale tosklûd /n/, oan (*Adelheid* ~) *Addy* en (*Ada* ~) *Atty* is te sjen, dat /a/ yn y-nammen ek foar oare tosklûden as /n/ foarkomme kin.

Yn (21) giet it om frouljusnammen. Men moat yn dit ferbân fuort dan ek tinke oan de namme *Anne*, dy't as manljus- en as frouljusnamme fungearret. Is oan 'e skreaune foarm net te sjen, oft *Anne* in frouminske of in manminske oantsjut, fonologysk besjoen is der in dúdlik ferskil, alteast yn myn dialekt: de frouljusnamme is /anə/, mei /a/, de manljusnamme /ɔ:nə/ (of /oənə/), mei /ɔ:/ (of /oə/) (sjoch Visser (2003:275, noat 22)).

Sa op it each is it net oannimlik, dat der in ferbân is tusken twa sokke ûngelyksoartige dingen as de fonologyske sekwinsje /a/ + koronaal en de morfo-syntaktyske kategory 'frouljusnamme'. Dat soe lykwols ûndersocht wurde moatte, want foar it Ingelsk binne sokke patroanen bygelyks al fûn, sjoch Cutler et al. (1990). Sa lang as dat ûndersyk der net west hat, bliuwt dit dus in ûnbegrepen lûdoergong.⁴¹

41. Yn *Joh[ɔ]nnes* ~ *H[a]nny* hat men de oergong [ɔ] > [a] by in manljusnamme, it ienichste gefal dat ik yn it materiaal tsjinkommen bin. By de ynliving yn it Frysk is

3. Oare boarnen fan y-nammen

Yn dizze paragraaf wurde in pear oare boarnen fan y-nammen behannele as deselden dy't hjirfoar op it aljemint west hawwe. It binne: ienwurdliddige folle foarmen (§3.1), folle foarmen op sjwa (§3.2), folle foarmen op -/a/ (§3.3) en flainammen (§3.4).⁴²

3.1 Ienwurdliddige folle foarmen

Yn 'e gewoane regel binne y-nammen, rekkene neffens it tal wurdlidden, like lang of koarter as de folle foarmen. Mar der binne gefallen dat de y-namme neist in ienwurdliddige folle foarm stiet, en dan is er fansels langer as dy lêste. Yn (22) jou ik de gefallen dy't ik tsjinkommen bin:

(22) y-nammen op basis fan in ienwurdliddige folle foarm

<i>folle foarm</i>	<i>m/f</i>	<i>y-namme</i>	<i>folle foarm</i>	<i>m/f</i>	<i>y-namme</i>
Henk	m	Henky	Rein	m	Reiny
Joop	m	Jopy	Rob	m	Robby
Kor	m	Korry	Sip	f	Sippy

Al is it tal nammen te lyts om der mei wissicheid wat oer te sizzen, dizze y-útwreiding liket him foaral by manljusnammen foar te dwaan. Omdat ienwurdliddige nammen meast manljusnammen binne, mei men soks ek ferwachtsje.

Neffens de 'algemiene ynstruksje' fan (10) moat as útgongspunt foar it foarmjen fan de y-namme it beklamme wurdlid fan de folle foarm fan de namme selektarre wurde. By de folle foarmen yn (22) is it iennichste wurdlid tagelyk it beklamme wurdlid, dat de ynstruksje hoecht net oanpast te wurden.

Joh[a]nna ta *Jeh[ɔ]nne* wurden, mei reduksje fan de ûnbeklamme (koarte) lûden en de oergong fan [a] nei [ɔ] foar it koronale bylûd /n/.

It is oars net wis, dat alle y-foarmen streekrjocht fan 'e Fryske grûnfoarmen ôflaat binne. Yn 'e Frysk-Nederlânske taalkontakstuaasje wurde Fryske nammen gauris op syn Nederlânsk skreaun en útsprutsen. Der moat dus mei rekkene wurde, dat de Nederlânske foarm fan in namme de basis foar de Fryske y-namme is.

42. Trije kear bin ik in y-namme tsjinkommen dy't net fan in foarnamme, mar fan in skaainamme ôflaat is: *Terpstra* ~ *Terpy*, *Mulder* ~ *Mully* en (*Jan*) *Hamstra* ~ (*ús*) *Hampy*. Omreden fan it lytse tal haw ik oan dit slach y-nammen net in aparte paragraaf wijd. Yn it Ingelsk komt dit slach nammefoarming ek foar, sjoch de oan Hanks (2006:625) ûntliende foarbylden *Smithy* (< *Smith*) en *Jonesy* (< *Jones*).

3.2 Folle foarmen op sjwa

y-nammen kinne ek foarme wurde op basis fan folle foarmen op sjwa, dêr't yn (23) de gefallen fan neamd wurde dy't yn de samling te finen binne:

(23) *y-nammen op basis fan in folle foarm op sjwa*

<i>folle foarm</i>	<i>m/f</i>	<i>y-namme</i>	<i>folle foarm</i>	<i>m/f</i>	<i>y-namme</i>
Anke	f	Anky	Jikke	f	Jikky
Akke	f	Akky	Jolle	m	Jolly
Ditte	f	Ditty	Minke	f	Minky
Dukke	m	Dukky	Sjoeke	f	Sjoeky
Frone	f	Frony	Wike	f	Wiky
Hike	f	Hiky			

It giet hjir by de folle foarmen meast om ferlytsings- en/of flaaïnammen. De einichste sjwa fan de folle foarmen is in stamútwreiding – de oarspronklike ferlytsingsnammen *Anke* en *Minke* moatte morfologysk besjoen ûntroch-sichtich wurden wêze –, dat men hat hjir yn wêzen mei ienwurdliddige folle foarmen te krijen, dêr't itselde foar jildt as foar de gefallen fan §3.1.

3.3 Folle foarmen op *-/a/*

y-nammen kinne ek foarme wurde op basis fan folle foarmen op *-/a/*, dêr't yn (24) de gefallen fan neamd wurde dy't yn de samling foarkomme:

(24) *y-nammen op basis fan in folle foarm op -/a/*

<i>folle foarm</i>	<i>m/f</i>	<i>y-namme</i>	<i>folle foarm</i>	<i>m/f</i>	<i>y-namme</i>
Anna	f	Anny	Koba	f	Koby
Emma	f	Emmy	Rika	f	Riky
Eva	f	Evy			

Mei twa folle fokalen hearre de folle foarmen ta it liende part fan de nammefoarried.

Nammen op *-a* binne frouljusnammen – sjoch ek §2.4.4 hjirfoar – en dat jildt dan dus ek foar de dêrfan ôflате y-nammen. As fan in frouljusnamme in wat ik mar neam ‘ferdeftige namme’ makke wurdt, giet dy ek altyd op *-a* út, sjoch de foarbylden yn (25)⁴³:

43. Nammen op *-/o/* – lykas *Eiso* (*Eize*), *Sybko* (*Sibe*), *Feiko* (*Feike*), *Fokko* (*Fokke*), *Menno* (*Minne*) en *Hotso* (*Hotse*) – binne manljusnammen.

(25) *ferdeftige frouljusnammen op -a*

<i>folle foarm</i>	<i>namme op -a</i>	<i>folle foarm</i>	<i>namme op -a</i>
Fokeltsje	Foka	Janke	Janka
Geartsje	Gerda	Leentsje	Lena
Geertruida	Gea	Metsje	Meta ⁴⁴
Harmke	Harma	Teatske	Tea
Ytske	Ita	Tine	Tina

Sokke nammen hawwe de metryske foarm fan in twawurdliiddige trogee. Dêrmei lykje se op de y-nammen, dy't ek strikt twawurdliiddich en trogeysk binne, en ek op in fêst lûd útgeane. In ferskil is, dat yn de ferdeftige nammen *Gea* en *Tea* de lûdsekwinsje /e:a/ foarkomt; dat is in konstellaasje fan twa fokalen in hiatus, dy't men yn y-nammen net hat (sjoch §2.2 hjirfoar).

3.4 Flaainammen

Der is al in pear kear op wiisd, dat y-nammen gauris net de folle foarm fan de namme as útgongspunt hawwe, mar de dêrfan ôflate flaainamme (sjoch ek §3.2 hjirfoar). De relaasje tusken folle foarm en y-namme is dan yndirekt. Yn (26) wurde in pear foarbylden jûn:

(26) *foarbylden fan y-nammen basearre op flaainammen*

<i>folle foarm</i>	<i>flaai-namme</i>	<i>y-namme</i>	<i>folle foarm</i>	<i>flaai-namme</i>	<i>y-namme</i>
Dirkje	Ditte	Ditty	Lutske	Lukke	Lucky/Luky
Durk	Dukke	Dukky	Simke	Pim	Pimmy
Durkje	Dukke	Dukky	Sytske	Tite	Tity
Harmke	Hamme	Hammy	Tsjitske	Tsjikke	Tsjiky
Lolkje	Lokke	Loeky			

Dit patroan tsjut op it parasitêre aard fan de y-nammen. Tagelyk is it in oanwizing dat it by y-nammen om in jonger slach nammen giet as flaainammen (sjoch ek §1.1 hjirfoar).

4. *Netwurken fan nammen*⁴⁵

Nammen dy't neffens de foarm in relaasje mei-inoar hawwe, kinne in 'net-

44. Hjir hat men in gefal dat it koarte lûd /ɛ/ fan de folle foarm korrespondearret mei it lange /e:/-lûd fan de dêrop basearre ferdeftige namme (ferl. §2.4.2 hjirfoar).

45. Yn Visser (2010) wurdt op ûnderskate plakken op it belang fan in 'netwurk fan nammen' of in 'nammenetwurk' foar it ferklearjen fan it ûntstean en de foarm fan flaainammen wiisd.

wurk fan nammen' foarmje en sa mei-inoar yn ferbân stean. Dêrtroch kin in y-namme neist in folle foarm komme te stean dy't der neffens de lûding net folslein by past, mar dy't wol in relaasje hat mei de oare folle foarmen binnen sa'n netwurk. Sa steane neist *Wimke* de y-nammen *Wimmy* en *Willy*; *Wimmy* slút kwa foarm by *Wimke* oan, mar *Willy* net; dy lêste foarm kin ferklearre wurde mei in berop op it netwurk dêr't *Willem*, mei de y-namme *Willy*, ek yn sit. Inselde ferhaal kin men hâlde foar de y-nammen *Willy* en *Wimmy* neist de folle foarm *Willemke*; *Willy* slút goed by *Willemke* oan, *Wimmy* net; *Wimke*, mei de 'reguliere' y-namme *Wimmy*, sit lykwols yn it-selde netwurk fan nammen as *Willemke*. Yn (27) wurde in pear fan sokke netwurken jûn:

(27) *foarbylden fan netwurken fan nammen*

<i>folle foarm</i>	<i>m/f</i>	<i>y-namme</i>	<i>folle foarm</i>	<i>m/f</i>	<i>y-namme</i>
Gerrichje	f	Gerry	Johanna	f	Anny
Gerritsje	f	Gerry	Johanna	f	Jopy
Gjerryt	m	Gerry	Johanna	f	Hanny
Harm	m	Harry	Johanna	f	Honky
Harmen	m	Hammy	Johannes	m	Hanny
Harmen	m	Hampy	Johannes	f	Sjonny (Johnny)
Harmen	m	Harry			
Harmina	f	Harry	Kornelia	f	Korry
Harmke	f	Hammy	Kornelis	m	Korry
			Kornelisje	f	Korry
Imke	f	Emmy	Korneliske	f	Korry
Imke	f	Immy			
Imkje	f	Emmy	Thonia	f	Tony
Ymkje	f	Imy	Thonia	f	Tonny
Ymkje	f	Emmy	Thonius	m	Tonny
			Anthonia	f	Tony
Jabik	m	Jappy	Anthonia	f	Tonny
Jabikje	f	Jappy	Anthonius	m	Tonny
Jakob	m	Jappy			
Jakoba	f	Koby	Willem	m	Willy
			Willemke	f	Willy
Janke	f	Janny	Willemke	f	Wimmy
Jantsje	f	Janny	Wimke	f	Willy
Jantsje	f	Tanny	Wimke	f	Wimmy

De fonology kin by it ûntstean fan sokke netwurken in ferbinende rol spylje. Yn it Frysk is it koarte, heal iepene foarlûd /ɛ/ foar de noaslûden almeast

oergongen nei it koarte, heal slettene foarlûd /ɪ/ (Sytstra en Hof (1925:15), Visser (2014:256-257)). Der binne wurden dêr't /ɪ/ fêst wurden is, mar ek wurden dêr't /ɛ/ en /ɪ/ beide kinne, lykas by de wurdpearen *stemme* ~ *stimmme*, *swemme* ~ *swimme* en *penne* ~ *pinne*. Dat hâldt yn, dat /ɛ/ en /ɪ/ foar noaslûden mei-inoar identifisearre wurde kinne. Dat liket in rol te spyljen by de netwurken yn (28):

(28) *foarbylden fan netwurken fan nammen op grûn fan de identifikaasje fan /ɛ/ mei /ɪ/ foar noaslûden*

Hendrik	m	Henny	Hindrikje	f	Henny
Hendrika	f	Henny	Hinke	f	Henny
Hendrikje	f	Henny			
Hendrikus	m	Henny	Rinske	f	Renny
Henk	f	Henky	Rinske	f	Rinny

It ûntstean fan nammepearen as *Lemke* ~ *Limmy* en *Wemle* ~ *Wimmy* is sûnder dizze identifikaasje net goed te tinken.⁴⁶

5. *Kinne y-nammen ek fan ferlytsingsnammen ôflaat wurde?*

De útwreide ynstruksje foar it foarmjen fan y-nammen yn (10) wurdt hjir efterhelle as (29):

(29) *útwreide ynstruksje foar it foarmjen fan y-nammen*

algemiene ynstruksje:

Selektearje as útgongspunt foar it foarmjen fan de y-namme it beklamme wurdlid fan de folle foarm fan de namme.

neiere ynstruksjes:

As it beklamme wurdlid op in lang lûd of in lange fokalyske sekwinsje útgiet, selektearje dan it folgjende bylûd ek.

As de folle foarm in ynterne bylûdsekwinsje hat, dan kin neffens de neiere ynstruksje allinnich it lofter bylûd fan de folle foarm yn de y-namme mei oer komme. It lange oersjoch yn (14) lit sjen, dat dat ek fierhinne sa is.

In grut tal fan de y-nammen yn (14) is fan in ferlytsingsnamme ôflaat. By it foarmjen fan de y-nammen soe der no fan dizze morfologyske ynformaasje gebrûk makke wurde kinne. De útwreide ynstruksje yn (29) soe dêrta omfoarme wurde moatte ta deselde yn (30):

46. Dy identifikaasje soe ek 'formalisearre' wurde kinne troch de wei fan in Nederlânsk-Fryske korrespondinsjeregel/konverzjeregel: /ɛ/ + nasaal = /ɪ/ + nasaal.

(30) *útwreide ynstruksje foar it foarmjen fan y-nammen (twadde ferzje)*

algemiene ynstruksje:

Selektearje as útgongspunt foar it foarmjen fan de y-namme it beklamme wurdlied fan de folle foarm fan de namme.

neiere ynstruksjes:

- (i) As de folle foarm in ferlytsingsnamme is, nim dan it part sûnder de ferlytsingsútgong as útgongspunt.
- (ii) As it beklamme wurdlied op in lang lûd of in lange fokalyske sekwinsje útgiet, rekkenje dan it folgjende bylûd der ek ta.

De ferlytsingssuffiksen hawwe sjwa as lûd en binne dêrtroch altyd ûnbeklamme. Hellet men de ferlytsingsútgong fan in namme ôf, dan bliuwt it part mei it folle lûd oer, dat de klam draacht.

In ferlytsingssuffiks wurdt oan in besteande – yn alle gefallen oan in mooglike – wurdfoarm fêstmakke. Dêrom moat by twawurdliedige ferlytsingsnammen it part sûnder de ferlytsingsútgong yn ien wurdlied te bepassen wêze. By nammen as *Af-ke*, *Saap-ke*, *Fim-ke*, *An-tsje*, *Jan-ke* en *Tsjal-tsje* is dat sa, dat dêr falle “it beklamme wurdlied fan de folle foarm fan de namme” (algemiene ynstruksje) en “it part [fan de folle foarm fan de ferlytsingsnamme] sûnder de ferlytsingsútgong” (earste neiere ynstruksje) gear. Foar sokke gefallen kin it mei de algemiene ynstruksje dan ek ta en is de earste neiere ynstruksje oerstallich.

By nammen as *Atsje*, *Itsje* en *Etsje* lykwols is de ferdieling yn wurdlieden minder dúdlik: heart [t] ta it earste of it twadde wurdlied, of is er ambisyllabysk? Yn sa’n gefal docht in berop op de morfologyske struktuer fan de namme fertuten. Dizze nammen moatte morfologysk besjoen sa opspjalt wurde: *at+tsje*, *it+tsje* en *et+tsje* (se steane neist de manljusnammen *Ate*, *Itte* en *Ette*). Hellet men de ferlytsingsútgong derôf, dan hâldt men de parten *at*, *it* en *et* oer. Dy binne it útgongspunt foar it foarmjen fan de y-nammen *Atty* (at+y), *Itty* (it+y) en *Etty* (et+y), dêr’t /t/, nei de koarte lûden [a], [ɪ] en [ɛ], ambisyllabysk realisearre wurdt.

Ien sa’n gefal seit it measte noch net. By nammefoarming wurdt der lykwols mear gebrûk makke fan de morfologyske struktuer fan nammen. Sa wurdt it prosedee fan it weilitten fan de ferlytsingsútgong brûkt om fan froulike ferlytsingsnammen nije frouljusnammen te foarmjen, sjoch de foarbylden yn (31):

(31) *foarbylden fan it weilitten fan de ferlytsingsútgoing fan in frouljusnamme om in nije frouljusnamme te foarmjen*

folle foarm ynkoarte namme

a. *mei* -je

Aachje	~	Aach	Rykje	~	Ryk
Fokje		Fok	Teakje		Teak

b. *mei* -ke⁴⁷

Fimke	~	Fim	Japke	~	Jap
Gepke		Gep	Klaske		Klas
Liefke		Lief	Nynke		Nyn
Jantke		Jant	Saapke		Saap

c. *mei* -tsje

Fetsje (Fet+tsje)~	Fet	Tsjaltsje	~	Tsjal
Fintsje	Fin	Tryntsje		Tryn
Hiltsje	Hil	Ibeltsje		Ibel
Metsje (Met+tsje)	Met	Jeltsje		Jel
Tetsje (Tet+tsje)	Tet			

d. *mei* -kje⁴⁸

Anskje	~	Ansk	Hylkje	~	Hylk
Aukje		Auk	Houkje		Houk
Baukje		Bauk	Ypkje		Ypk
Feikje		Feik	Japkje		Japk
Froukje		Frouk	Joukje		Jouk
Gelkje		Gelk	Sjoukje		Sjouk
Gerkje		Gerk	Swobkje		Swobk

De frouljusnammen yn (31d) soe men ek oannimme kinne, dat fan manljusnammen (histoarysk sjoen ferlytsingsnammen) op *-ke* ôflaat binne: *Auke* ~ *Auk*, *Bauke* ~ *Bauk*, *Feike* ~ *Feik*, *Houke* ~ *Houk*, *Ypke* ~ *Ypk*, *Sjouke* ~

47. *Mei Romke* ~ *Rom*, *Tsjepke* ~ *Tsjep* en *Wopke* ~ *Wop* hat men pearen mei manljusnammen.

48. Histoarysk besjoen hat in namme as *Joukje* in dûbele ferlytsingsútgoing (*Jou* → *Jouke* → *Joukje*). By it ôflieden fan de ynkoarte namme wurdt allinnich de rjochter útgoing derby wei helle. De foarmen dy't dat opsmyt, geane út op it bylûd *-k*, dat by it foarmjen fan de dûbel ferlytse namme fan de oarspronklike útgoing *-ke* oerbliuwt (*-ke+je* → *-kje*).

Sjouk, ensfh. Mei it taheakjen fan in ferlytsingsútgong oan in manljusnamme kin der in frouljusnamme foarme wurde, dêr't *Age* ~ *Aachje*, *Pyt* ~ *Pytsje* en *Klaas* ~ *Klaske* foarbylden fan binne. It suffiks, as it morfo-syntaktyske haad fan de ôflieding, beskiedt dy oergong. Soks is in regulier 'by-effekt' fan in morfologyske operaasje. It delearjen fan in part fan in suffiks is lykwols net sa'n operaasje, dat dat kin de oergong fan manljusnamme nei frouljusnamme net bewurkmasterje⁴⁹. De iennichste mooglikheid liket hjir dus te wêzen om de namme op *-kje* as útgongspunt fan de ynkoarte foarm te nimmen.

Histoarysk besjoen hawwe de nammen op *-kje* yn (31d) dûbele ferlytsing ûndergien (sjoch ek noat 48). Nijsgjirrich is no, dat sokke nammen har by it foarmjen fan ynkoarte nammen en fan *y*-nammen net op deselde wize hâlde, sa't yn (32) sjen litten wurdt:

(32) *de útgong -kje by it foarmjen fan ynkoarte nammen en y-nammen*

a. ynkoarte nammen		b. y-nammen	
<i>folle foarm op</i>	<i>ynkoarte</i>	<i>folle foarm op</i>	<i>y-namme</i>
<i>-kje</i>	<i>namme</i>	<i>-kje</i>	
Anskje ~	Ansk	Eelkje ~	Ely
Aukje	Auk	Fopkje	Foppy
[sjoch fierder it		Gerkje	Gerry
rychje fan (31d)]		Ymkje	Imy
		Lamkje	Lammy
		Tsjepkje	Tsjeppy ⁵⁰
		Wopkje	Woppy ⁵⁰

By it foarmjen fan ynkoarte frouljusnammen fan nammen op *-kje* ((31d)/(32a)) wurdt allinnich de útgong *-je* weilitten. Nammen as *Froukje* en *Hylk-*

49. Gâns haadwurden geane op in sjwa (-e) út; as dy derby wei falt, dan feroaret dat de wurdcategory net, sa't oan de foarbylden *blabze* ~ *blabs*, *dauwe* ~ *dau*, *spjelde* ~ *spjeld* en *wolle* ~ *wol* ôf te nimmen is. Sokke gefallen fan sjwa-weifal hat men ek by nammen. It giet om in beheind slach folle foarmen, t.w. deselden dy't op *-{p/b}ke* útgeane, sa't *Japke* ~ *Japk*, *Ypke* ~ *Ypk* en *Wybke* ~ *Wybk* útwize. Neist in frouljusnamme op sjwa stiet hjir in sjwa-leaze njonkenfoarm (*Ypke* kin in manljus- en in frouljusnamme wêze).

50. By *Hanskje* /hɔ:ns+kjə/ [hɔ:skjə] ~ *Hanny* wurdt earst *-kje* ôfkappe (*Hanskje* → *Hans*), dan wurdt /s/ as de kondysjonearjende faktor foar nasalearring – en dêrmei foar it lange lûd – weinommen (*Hans* /hɔ:ns/ → *Han*) en dan wurdt *-y* deroan fêstmakke (*Han* → *Hanny*). De oergong fan /ɔ/ (*Hanskje*) nei /a/ (*Hanny*) hat yn §2.4.4 te praat west.

je lykje dêrom as *frouk+je* en *hylk+je* analysearre te wurden, krekt as gewoane ferlytsingswurden, lykas *doukje* (*douk+je*) en *pylkje* (*pylk+je*). By it ôflieden fan *y*-nammen fan sokke dûbel ferlytse nammen dêrfoaroer ((32b)) wurdt *-kje* der yn syn hiele hear en fear by wei helle. Men kin sa dûbelpearen krije, dêr't yn (33) foarbylden fan jûn wurde:

(33) *foarbylden fan dûbelpearen fan fan nammen op -kje ôflате ynkoarte nammen en y-nammen*

<i>namme</i>	<i>ynkoarte</i>	<i>y-</i>	<i>namme</i>	<i>ynkoarte</i>	<i>y-</i>
<i>op -kje</i>	<i>namme</i>	<i>namme</i>	<i>op -kje</i>	<i>namme</i>	<i>namme</i>
Gelkje	Gelk	Gelly	Wypkje	Wypk	Wipy
Hylkje	Hylk	Hilly			

Op grûn fan de ynkoarte nammen fungearret de útgong *-je* fan de folle foarm as in útgong, wylst neffens de *y*-nammen *-kje* dat docht⁵¹. Dat soe ynhâlde, dat ien en deselde namme op *-kje* him op twa wizen analysearre lit, sa't hjirboppe oanjûn is: de iene opspjalting is it útgongspunt foar de foarming fan ynkoarte (frouljus)nammen, de oare foar dy fan *y*-nammen.

Fonologysk is hjir noch wat mear fan te sizzen. It foarmjen fan ynkoarte nammen op basis fan nammen op *-kje* kin altyd, as der foar *-kje* in (lang) lûd stiet: *Aukje* ~ *Auk*, *Froukje* ~ *Frouk*, *Sjoukje* ~ *Sjouk*, ensfh. Op basis fan nammen mei in bylûd foar *-kje* kinne der ek sokke ynkoarte nammen foarme wurde, mar lang mei elke namme net, en it resultaat heart jin ek wol gauris minder eigen oan as mei in lûd foar *-kje*. Neist *Aafkje*, *Abkje*, *Earkje*, *Eelkje*, *Ymkje* en *Etkje* bygelyks hat men net *Aafk*, *Abk*, *Eark*, *Eelk*, *Ymk* en *Etk*. Dat is faaks ta te skriuwen oan a) net-tastiene einkloften fan obstruïnten (*Aafk*, *Abk*, *Epk*, *Etk*), b) net-homorgane kloften fan noaslûd + ploffer (*Ymk*) en c) in te lang syllaberym (*Eark*, *Eelk*). By it foarmjen fan *y*-nammen kin de útgong *-kje* fan de folle foarm net yn syn hiele hear en fear weilitten wurde, as der in lûd foar stiet, want dan krijt men in konstellaasje fan twa fokalen in hiatus (sjoch hjirfoar). Dat liedt ta in foech 'wurkferdieling' tusken it foarmjen fan ynkoarte nammen en *y*-nammen: it earste wol it bêste as der in lûd foar *-kje* stiet, it lêste kin allinnich mei in bylûd yn dy posysje.

Ferlytsingsnammen op *-ske*, lykas *Betske* en *Jelske*, fertsjinje apart omtinken. Sa op it each moatte sokken analysearre wurde as *bets+ke* en *jels+ke*; by gewoane ferlytsing is *-ke* ommers it suffiks dat oan in haadwurd op *-ts*

51. Op grûn fan it tige grutte tal nammen op *-kje* wurdt dat yn Visser (2003:295) as in reële mooglikheid sjoen.

fêstmakke wurdt, sjoch bygelyks *pleats+ke*, *fyts+ke* en *fluts+ke*. By it foarmjen fan *y*-nammen liket *-ske* lykwols as ien útgong te fungearjen, sa't it oersjoch yn (34) sjen lit:

(34) *y*-nammen op basis fan folle foarmen op *-ske*

<i>folle foarm</i>	<i>m/f</i>	<i>y-</i> <i>namme</i>	<i>folle foarm</i>	<i>m/f</i>	<i>y-</i> <i>namme</i>
Betske	f	Betty	Jitske	f	Jitty
Elske	f	Elly	Rinske	f	Reny/Renny/ Rinny
Gaatske	f	Gaty	Sytske	f	Sity
Gelske	f	Gelly	Tjitske	f	Tjitty
Hotske	f	Hotty	Tsjitske	f	Tity ⁵²
Jelske	f	Jelly			
Jetske	f	Jetty			

As de folle foarm in ferlytsingsnamme is, dan is neffens de earste neiere ynstruksje fan (30) it part sûnder de ferlytsingsútgong it útgongspunt foar it foarmjen fan de *y*-namme.⁵³ By de foarmen fan (34) wurket dat allinnich, as *-ske* yn syn gehiel as in ferlytsingsútgong telt, want *y*-nammen as *Elsy*, *Gelsy*, *Hotsy*, *Sytsy* en *Tsjitsy*, mei *s*, komme net foar. Dêrmei liket der, neist *-pje* en *-kje*, noch in ferlytsingsuffix te wêzen dat al by nammen fungearret, mar net by haadwurden (en oare kategoryen wurden dy't ferlytsing ûndergean kinne).⁵⁴

-
52. Yn (34) giet it suver en allinnich om frouljusnammen. Nammen mei dûbele ferlytsing binne frouljusnammen, dat men is yn 'e wille om de folle foarmen fan (34) sa ek te analysearjen, wat histoarysk sjoen ek wol ynoarder liket te wêzen.
53. De earste neiere ynstruksje is fierders allinnich fan tapassing op twawurdliiddige ferlytsingsnammen. By *Gerlofke* ~ *Gerry*, *Hendrikje/Hindrikje* ~ *Henny* en *Kornelisje/Korneliske* ~ *Korry* is allinnich it earste wurdliid fan de folle foarm de grûnslach fan de *y*-namme. Dat kin ek min oars, want meidat in *y*-namme strikt twawurdliiddich is, is der neist it wurdliid mei de útgong *-y* romte foar ien wurdliid. By *Gerlofke* en *Hendrikje/Hindrikje* is it earste wurdliid fan de folle foarm ek it beklamme wurdliid, alhiel neffens de algemiene ynstruksje fan (29)/(30), mar by *Kornelisje/Korneliske* is dat sa net.
54. Der lykje twa senario's te wêzen om fan *Rinske* op *Reny/Renny/Rinny* út te kommen. Kapje de útgong *-ske* derôf en men hat it útgongspunt foar de *y*-namme, want mei /s/ wurdt de kondysjonearjende faktor foar it nasale én lange lûd yn [rê:skə] weinommen. Sûnder de útgong *-ke* hâldt men *Rins* [rê:s] oer. Dy foarm moat dan noch fierder behoffene wurde om op it útgongspunt foar de *y*-namme út te kommen. Ien fan de bewurkingen is it 'oralisearjen' fan it lûd (sjoch ek noat 50 hjirfoar). Yn §2.3.2 is sjen

Der is hjir wat nammefoarming oangiet lykwols mear te rêden. Mei it weilitten fan de útgong *-ke* kinne ynkoarte nammen foarme wurde, dêr't yn (31b) foarbylden fan jûn wurde. Fan de nammen yn (34) hat men dat by deselden yn (35), dêr't noch twa gefallen oan taheakke binne:

(35) *ynkoarte nammen op basis fan folle foarmen op -tske*⁵⁵

<i>folle foarm</i>	<i>ynkoarte namme</i>	<i>folle foarm</i>	<i>ynkoarte namme</i>
Betske	Bets	Sytske	Syts
Gaatske	Gaats	Teatske	Teats
Jetske	Jets	T(s)jitske	T(s)jits
Jitske	Jits	Wytske	Wyts
Lutske	Luts		

Dat it hjir om in mooglikheid fan folle foarmen op *-tske* giet, kin men hjirút ôfnimme, dat *Gels* en *Jels* – neist *Gelske* en *Jelske* – jin net of gâns minder oan wolle.

Op grûn fan it patroan yn (35) lykje de folle foarmen yn de earste en tredde kolom analysearre te wurden sa't yn (36) oanjûn is:

(36) *analyze fan de folle foarmen yn (35)*

Bets+ke	Jits+ke	Tjits+ke
Gaats+ke	Luts+ke	Tsjits+ke
Jets+ke	Syts+ke	Wyts+ke

By it ôflieden fan *y*-nammen fan nammen op *-tske* wurdt *-ske* der lykwols yn syn hiele hear en fear by wei helle, sjoch it patroan yn (34). Men kin sa dûbelpearen krije, dêr't yn (37) foarbylden fan jûn wurde (ferlykje deselden yn (33)):

(37) *foarbylden fan dûbelpearen fan fan nammen op -tske ôflate ynkoarte nammen en y-nammen*

<i>folle foarm</i>	<i>ynkoarte namme</i>	<i>y-namme</i>	<i>folle foarm</i>	<i>ynkoarte namme</i>	<i>y-namme</i>
Betske	Bets	Betty	Sytske	Syts	Sity
Gelske	Gels	Gelly			

litten, dat der yn *y*-nammen gjin (markearre) nasale fokalen foarkomme meie, dat soks is op ûnôfhinklike grûnen te motivearjen.

55. Krekt as yn (34) giet it yn (35) om frouljusnammen (sjoch ek noat 52). Manljusnammen litte har lykwols ek wol yn dit patroan bepasse, sa't te sjen is oan it pear *Ritske* ~ (*boer*) *Rits*, dat lêsten yn de krante stie.

Al hat dizze morfologyske eksploraasje wol neier ynsjoch yn patroanen fan nammefoarming opsmitten, op it stik fan it foarmjen fan y-nammen liket er ús net fierder helpe te kinnen. Dêrom bliuwe wy by (de earste ferzje fan) de útwreide ynstruksje foar it foarmjen fan y-nammen yn (29).

Utliding

Yn de ynliding is yn (3) in foarriedich skema te finen fan de oerienkomsten en ferskillen tusken ferlytsingsnammen, y-nammen en flaaianammen; dat wurdt hjirûnder as (38) efterhelle:

(38) *skema fan de oerienkomsten en ferskillen tusken ferlytsingsnammen, y-nammen en flaaianammen*

	<i>ferlytsings- nammen</i>	<i>y-nam- men</i>	<i>flaai- nammen</i>
♂ & ♀	+	+	+
'rekursiviteit'	+	-	+
<i>Suffiks</i>	+	+	-
<i>Trogee</i>	-	+	+
<i>tal wurdlidden</i>	≥ 2	2	≤ 2

Der is ditoangeande lykwols mear oan it ljocht kommen:

- 1) Meidat ferlytsings- en flaaianammen al langer diel fan it Fryske namme-lânskip útmeitsje en y-nammen betreklik jong binne, kinne de lêsten wol eigenskippen fan de earsten oernommen hawwe, mar oarsom net (§1.1).
- 2) Krekt as by flaaianammen is by it foarmjen fan y-nammen it beklamme wurdlid fan de folle foarm yn 'e gewoane regel it útgongspunt (§2.1); in net-beklamme wurdlid kin dat lykwols ek wêze, by y-nammen likegoed as by flaaianammen (§2.1).
- 3) It liket oannimlik, dat y-nammen as *Diny* (*Alberdina, Arendina, Berendina, Gerdina*), *Giny* (*Regina*), *Miny* (*Hermina*), *Piny* (*Eppina*), *Siny* (*Gesina*), *Tiny* (*Kristina, Martina, Swaantina*) fan de flaaianammen *Dina, Gina, Mina, Pina, Sina* en *Tina* ôflaat binne en net streekrjocht fan de langere folle foarmen (§2.1).
- 4) Wat it al of net tastean fan komplekse fokalyske sekwinsjes oangiet, sitte de y-nammen tusken flaa- en ferlytsingsnammen yn (§2.3.1).
- 5) Wat it net tastean fan nasale lûden oangiet, geane y-nammen en flaaianammen mei-inoar lykop (§2.3.2).

6) Wylst bylûdkloften yn flaaianammen net tastien binne, komme se yn y-nammen en ferlytsingsnammen al foar (§2.3.3).

7) Yn flaaianammen is ‘konsonantharmony’ in frekwint (en opfallend) ferskynsel. As men dat yn y-nammen ek hat, dan slute sokke nammen by flaaianammen oan. Dat hâldt yn, dat y-nammen op flaaianammen ‘parasitearje’ kinne (§2.3.3). Yn §§ 2.3.4 en 3.4 wurde mear gefallen neamd dy’t dy kant út wize.

8) Op it stik fan it mar allinnich tastean fan stimleaze obstruinten rinne y-nammen en ferlytsingswurden mei-inoar lykop (§2.4.1).

It hear oersjend kin men fêststelle, dat y-nammen yn gâns dingen tusken flaa- en ferlytsingsnammen yn sitte. Dat dit slach namme op in stuit sa’n opgong meitsje kinnen hat, kin fêst mei ferklearre wurde troch dit parasitêre aard: y-nammen sleaten moai nau oan by de al besteande flaa- en ferlytsingsnammen. Likegoed moatte se ek wol wer safolle eigens hân hawwe, dat se oantreklik genôch wienen om neist de flaa- en ferlytsingsnammen – foar in skoft alteast – in eigen plak yn it Fryske nammelânskip te feroverjen. Dat lêste is sûnder mis net los te sjen fan de populariteit fan dit slach nammen yn it Nederlânsk. En dat se dêr sa populêr wurde koenen, sil fêst wer mei komme troch de grutte ynfloed fan de Amerikaanske kultuer, en dêrmei fan it Amerikaansk Ingelsk, foaral nei de lêste oarloch. Nammen as *Johnny* en *Bobby* waarden doe suver gewoan. Yn it Nederlânsk liket dizze namme-moade no wer oer te wêzen, en dat jildt ek foar it Frysk.

*Fryske Akademy
Ljouwert*

*Rijksuniversiteit Groningen
Frysk Ynstitút*

LITERATUER

- Bauer, L., Lieber, R. and Plag, I. (2013)
The Oxford Reference Guide to English Morphology, Oxford, Oxford University Press.
- Cutler A., McQueen, J. and Robinson, K. (1990)
'Elizabeth and John: sound patterns of men's and women's names', yn: *Journal of Linguistics*, 26, pp. 471-482.
- Duden (1998)
Grammatik der deutschen gegenwartsprache (6., neu bearbeitete Auflage), Mannheim, Duden Verlag.
- Fleischer, J./Barz, I. (2012)
Wortbildung der deutschen Gegenwartssprache (4. Auflage; völlig neu bearbeitet von Irmhild Barz unter Mitarbeit von Marianne Schröder), Berlin, De Gruyter.
- Hanks, P. (2006)
'Nicknames', yn: *Encyclopedia of Language and Linguistics* (2nd edition), Elsevier, pp. 624-626.
- Hoekstra, J. (1986)
'Ferlytsing en syn njonkenkategoryen', yn: L.G. Jansma e.o. (red.), *Philologia Frisica anno 1984*, Ljouwert: Fryske Akademy, pp. 131-150.
- Hoekstra, J. (1998)
Fryske wurdfoarming, Ljouwert, Fryske Akademy.
- Hoekstra, J. (2001)
'Standard West Frisian', yn: H.H. Munske (red.) (yn oparbeidzjen mei N.R. Århammar, V.F. Faltings, J.F. Hoekstra, O. Vries, A.G.H. Walker en O. Wilts), *Handbuch des Friesischen/Handbook of Frisian Studies*, Tübingen: Niemeyer, pp. 83-98.
- Popkema, J. (2006)
Grammatica Fries, De regels van het Fries, Utrecht, Uitgeverij Het Spectrum B.V.
- Sipma, P. (1913)
Phonology & Grammar of Modern West Frisian, With Phonetic Texts and Glossary (= Publications of the Philological Society; II), Oxford, Oxford University Press.
- Sipma, P. (1952)
Fryske nammekunde I, Foar- en Skaeinammen, Laverman, Drachten.

- Sytstra, O.H. en J.J. Hof (1925)
Nieuwe Friesche Spraakkunst, Leeuwarden, R. van der Velde.
- Tamminga, D.A. (1987)
 ‘Oer “tsiistsjetteltsje” en noch wat’, yn: *De Pompeblêden*, 58, p. 27.
- Tiersma, P.M. (1985)
Frisian Reference Grammar, Dordrecht, Foris Publications.
- Tiersma, P.M. (1999²)
Frisian Reference Grammar, Ljouwert, Fryske Akademy.
- Visser, W. (1989)
 ‘Oer ferlytsing nei felaren’, yn: A.M.J. Riemersma e.o. (red.), *Frysk & Vrije Universiteit (1949-1989)*, Amsterdam, VU Uitgeverij, pp. 193-202.
- Visser, W. (2000)
 ‘Frjemd wurdt eigener. Oer de âlde Frânske lienwurden yn it Frysk’, yn: *It Beaken*, 62, pp. 141-218.
- Visser, W. (2003)
 ‘Patroanen yn ferlytsingsnammen’, yn: P. Boersma e.o. (red.), *Philologia Frisica anno 2002*, Ljouwert, Fryske Akademy, pp. 263-305.
- Visser, W. (2010)
 ‘Flaainammen yn it Frysk’, yn: *Us Wurk*, 59, pp. 1-78.
- Visser, W. (2014)
 ‘Hoe stom is de stomme /r/?’, yn: P. Boersma e.o. (red.), *Philologia Frisica anno 2012*, Ljouwert, Fryske Akademy/Afûk, pp. 243-268.

By bylage 1 en 2

De earste ferzje fan dit stik is fan ein juny 2015. Dy wie basearre op de listen mei y-nammen dy't ik op dat stuit hie. It sammeljen hat sûnt net stil stien; de bylagen binne op 17 novimber 2016 foar it lêst bywurke. Dat is fan dy gefolgen, dat net alle nammepearen yn de bylagen har gerak yn it stik krige hawwe (as dat al mooglik west hie). Foar it algemiene byld fan de y-nammen makket dat neffens my neat út.

Bylage 1: fan folle foarm nei y-namme

<u>folle foarm</u>	<u>m/f</u>	<u>namme</u> <u>op -y</u>			
Aafke	f	Affy	Aldert	m	Ally
Aaldrik	m	Aly	Aleida	f	Aly
Aaltsje	f	Aly	Alfred	m	Freddy
Abel	m	Appy ([a])	Alida	f	Aly
Abele	m	Appy ([a])	Alofje	f	Aly
Abraham	m	Appy ([a])	Anke	f	Anky
Ada	f	Atty ([a])	Anke	f	Anny
Adelheid	f	Addy	Anna	f	Anny
Adriaan	m	Adry	Annichje	f	Anny
Adriaantsje	f	Janny	Anskje	f	Hanny
Adriana	f	Adry	Anthoinetha	f	Netty
Adriana	f	Jany	Anthonia	f	Tony
Adrianus	m	Adry	Anthonia	f	Tonny
Afy	f	Aafke	Anthonius	m	Tony
Afke	f	Affy	Anthonius	m	Tonny
Agatha	f	Aggy	Antsje	f	Anny
Agnes	f	Aggy	Apolonia	f	Plony
Akke	f	Addy	Arend	m	Atty
Akke	f	Akky	Arendina	f	Diny
Alberdina	f	Diny	Arianna	f	Jany
Albert	m	Appy ([ɔ])	Atsje	f	Atty
Albertsje	f	Abby ([ɔ])	Aurelius	m	Rely
Albertsje	f	Appy ([ɔ])	Barbara	f	Betty
Albertsje	f	Ally	Bareldina	f	Biny
Albertsje	f	Betty	Barteltsje	f	Batty ([a])
			Bearend	m	Benny
			Bearendsje	f	Benny
			Beitske	f	Betty

Benjamin	m	Benny	Ebertha	f	Betty
Berber	f	Betty	Eduard	m	Eddy
Berendina	f	Diny	Eelkje	f	Ely
Bernard	m	Benny	Eelkje	f	Elly
Bernardus	m	Benny	Eelkje	f	Ety
Bertha	f	Betty	Eeltsje	m	Edy
Betsje	f	Betty	Eeuwkje	f	Evy
Betske	f	Betty	Egbert	m	Eppy
Bintsje	f	Binny	Egbertsje	f	Eppy
Boate	m	Baudy	Egidius	m	Gidy
Bodina	f	Botsy	Eibertsje	f	Betsje
Bokke	m	Bokky	Eke	f	Epy
Bonze	m	Benny	Elisabet	f	Betty
Bontsje	f	Bonny	Elisabet	f	Betsy
Brechtsje	f	Betty	Elisabet	f	Elly
Brontheis	m	Bronny	Elisabet	f	Lipy
Burchhard	m	Burry	Elske	f	Elly
Cecilia	f	Cily	Emma	f	Emmy
Detsje	f	Detty	Engbert	m	Emmy
Diderik	m	Didy	Engeltsje	f	Enny
Dina	f	Diny	Eppina	f	Piny
Dineke	f	Diny	Esther	f	Etty
Dirk	m	Dikky	Etsje	f	Etty
Dirkje	f	Dikky	Eva	f	Evy
Dirkje	f	Diny	Evert	m	Epy
Dytsje	f	Dity	Ewald	m	Wally
Ditte	f	Ditty	Farduw	f	Fally
Djoeke	m	Doety	Femke	f	Femmy
Djoeke	f	Joeky	Femmichje	f	Femmy
Doete	f	Doety	Fennichje	f	Fenny
Doetsje	f	Doety	Fentsje	f	Fenny
Dorothea	f	Dorry	Ferdinand	m	Ferry
Doutsen	f	Doutsy	Fetsje	f	Ferry
Durk	m	Dukky	Fetsje	f	Fetty
Durkje	f	Dukky	Fimke	f	Fimmy
Eabe	m	Epy	Fintsje	f	Femy
Eabele	m	Epy	Fintsje	f	Finny
Eabeltsje	f	Eby	Fokeltsje	f	Foky
Eabeltsje	f	Epy	Folkert	m	Folly
Easge	m	Eggy	Fopkje	f	Foppy
Ebbel	m	Eppy	Fransiska	f	Sissy
Ebe	m	Eppy	Frederik	m	Freddy

Frederika	f	Freddy	Harmen	m	Hampy
Frederika	f	Kiky	Harmen	m	Harry
Frederike	f	Fredy	Harmina	f	Harry
Froatske	f	Froty	Harmke (Hamme)	f	Hammy
Frone	f	Frony	Heabeltsje	f	Hepy
Fronika	f	Frony	Heabeltsje	f	Hetty
Frouke	f	Pukky	Hearke	m	Harry
Gaatske	f	Gaty	Hearke	m	Herry
Gabriël	m	Gaby	Heiltsje	f	Heily
Geartrude	f	Trudy	Heinrich	m	Heiny
Geartsje	f	Gerry	Heintsje	f	Henny
Geartsje	f	Geary	Helena	f	Leny
Geartsje	f	Gerry	Hendrik	m	Henny
Geartsje	f	Gety	Hendrika	f	Henny
Geeltsje	f	Gilly	Hendrika	f	Hetty
Gelske	f	Gelly	Hendrikje	f	Henny
Gepke	f	Geppy	Hendrikje	f	Hetty
Gerard	m	Geary	Hendrikje	f	Pukky
Gerbrich	f	Gerry	Hendrikus	m	Henny
Gerbrichje	f	Gerry	Henk	f	Henky
Gerdina	f	Diny	Henri	m	Harry
Gerkje	f	Gerry	Henriëtte	f	Hetty
Gerlofke	f	Gerry	Henriëtte	f	Jetty
Gerrichje	f	Gerry	Hepke	m	Eppy
Gerritsje	f	Gerry	Hepke	f	Heppy
Gertrudis	f	Trudy	Hermina	f	Hetty
Gesina	f	Siny	Hermina	f	Miny
Gijsbertha	f	Betty	Hermina	f	Minny
Gjalt	m	Kokky	Hesseltsje	f	Hessy
Gjerryt	m	Gerry	Hester	f	Hessy
Gjetsje	f	Gjetty	Hiëronymus	f	Harry
Goaitske	f	Goky	Hike	f	Hiky
Gontsje	f	Gonny	Hylkje	f	Hilly
Grytsje	f	Tity	Hiltsje	f	Hilly
Hamkje	f	Hammy	Hindrikje	f	Henny
Hanne	f	Hanny	Hinke	f	Henny
Hanskje	f	Hanny	Hinne	m	Harry
Hantsje	f	Hanny	Hiske	f	Hissy
Haring	m	Harry	Hitsje	f	Hitty
Harke	m	Harry	Hjepkje	f	Heppy
Harm	m	Harry	Holkje	f	Holly
Harmen	m	Hammy	Hotske	f	Hotty

Ybele	m	Ypy	Johanna	f	Janny
Ybeltsje	f	Epy	Johanna	f	Jopy
Ybeltsje	f	Ypy	Johanna	f	Hanny
Idskje	f	Itty	Johanna	f	Honky
Imke	f	Emmy	Johannes	m	Hampy
Imke	f	Immy	Johannes	m	Hanny
Imkje	f	Emmy	Johannes	m	Jopy
Ymkje	f	Imy	Johannes	f	Sjonny
Ymkje	f	Emmy	Joltsje	f	Jolly
Ymkje	f	Ympy	Joop	m	Jopy
Immertsje	f	Immy	Judith	f	Judy
Itsje	f	Itty	Karolina	f	Korry
Ytsje	f	Ity	Katharina	f	Tiny
Jabik	m	Jappy	Koba	f	Koby
Jabikje	f	Jappy	Konstanse	f	Konny
Jakob	m	Jappy	Kor	m	Korry
Jakoba	f	Koby	Kornelia	f	Korry
Janke	f	Janny	Kornelis	m	Korry
Janna	f	Janny	Kornelisje	f	Korry
Jannichje	f	Janny	Korneliske	f	Korry
Jantina	f	Janny	Kristiaan	m	Kitty
Jantsje	f	Janny	Kristina	f	Tiny
Jantsje	f	Tanny	Lamberta	f	Betty
Jasper	m	Joppy	Lamkje	f	Lammy
Jelkje	f	Jelly	Lamkje	f	Ammy
Jelske	f	Jelly	Laurens	m	Laury
Jeltsje	f	Jelly	Leendert	m	Leny
Jeltsje	f	Jetty	Leentsje	f	Leny
Jenke	f	Jenny	Lemke	f	Limmy
Jente	f	Jenny	Leonarda	f	Nardy
Jentsje	f	Jenny	Loadewyk	m	Lowy
Jentsje	f	Leny	Lolkje	f	Loeky
Jetske	f	Jetty	Lolkje	f	Lotty
Jikke	f	Jikky	Lucia	f	Lucy
Jinke	f	Jinny	Lummechina	f	Lummy
Jipke	f	Jikky	Lutina	f	Luty
Jiskjen	f	Jitty	Lutske	f	Luky
Jisseltsje	f	Jissy	Maaïke	f	Maky
Jitske	f	Jitty	Magdalena	f	Maddy
Jobje	f	Joppy	Marchien	f	Maggy
Jochum	m	Jopy	Marchje	f	Marry
Johanna	f	Anny	Martha	f	Matty

Martina	f	Tiny	Saapke	f	Sapy
Martsje	f	Matty	Saapke	f	Sappy
Mathilde	f	Tilly	Sandrina	f	Sanny
Meindert	m	Meiny	Sepkje	f	Seppy
Meintsje	f	Meiny	Sibbele	m	Sippy
Metsje	f	Metty	Sibbeltsje	f	Sippy
Minke	f	Minky	Sibe	m	Sipy
Minke	f	Minny	Sibren	m	Sipy
Minke	f	Mimy	Sibrichje	f	Sipy
Mintsje	f	Minny	Simentsje	f	Simy
Neantske	f	Ninny	Simke	f	Pimmy
Neeltsje	f	Nely	Symkje	f	Simy
Neeltsje	f	Nelly	Sip	f	Sippy
Oepke	m	Oepy	Sipkje	f	Sippy
Petronella	f	Nelly	Sytske	f	Sity
Pitertsje	f	Pity	Sytske	f	Tity
Pytsje	f	Pity	Sjerp	m	Sjerry
Regina	f	Giny	Sjerpke	f	Sjeryp
Rein	m	Reiny	Sjoerdsje	f	Toeky
Reintsje	f	Reiny	Swaantina	f	Tiny
Rika	f	Riky	Swaantsje	f	Sanny
Rykje	f	Riky	Swaantsje	f	Swany
Rimkje	f	Rimmy	Taapke	f	Tappy
Rymkje	f	Rimy	Tamme	m	Tammy
Rinkje	f	Rinny	Tesina	f	Tiny
Rinse	m	Renny	Tetsje	f	Teddy
Rinse	m	Rinny	Tetsje	f	Tetty
Rinske	f	Pinny	Teuntsje	f	Teuny
Rinske	f	Reiny	Tholina	f	Tholy
Rinske	f	Renny	Thomas	m	Tonny
Rinske	f	Rinny	Thonia	f	Tony
Rintsje	f	Rinny	Thonia	f	Tonny
Rob	m	Robby	Thonius	m	Tonny
Roelfyn	f	Roely	Timen	m	Timy
Roelof	m	Roely	Tytsje	f	Tiny
Roelofje	f	Roely	Tytsje	f	Tity
Roelofke	f	Roely	Tjimkje	f	Tjimmy
Roeltsje	f	Roely	Tjitske	f	Tjitty
Romkje	f	Rommy	Toeminah	f	Miny
Rommert	m	Rommy	Trynke	f	Kemmy
Rudolf	m	Rudy	Tryntsje	f	Niny
Ruerd	m	Rudy	Tryntsje	f	Triny

Tryntsje	f	Tiny	Wibrichje	f	Wipy
Tsjaltsje	f	Sjolly	Wike	f	Wiky
Tsjaltsje	f	Tsjally	Wilhelmina	f	Helmy
Tsjepkje	f	Tsjeppy	Wilhelmina	f	Mimy
Tsjerk	m	Tekky	Wilhelmina	f	Willy
Tsjetsje	f	Tsjetty	Wilkus	m	Willy
Tsjikke	f	Tsjikky	Willebrord	m	Willy
Tsjipkje	f	Sippy	Willeke	f	Wikky
Tjitske	f	Jitty	Willem	m	Willy
Tjitske	f	Tjitty	Willem	m	Wimpy
Tsjitske	f	Tity	Willemke	f	Willy
Ulbe	m	Uppy	Willemke	f	Wimmy
Úlkje	f	Uty	Wilto	m	Willy
Veronica	f	Vrony	Wimke	f	Willy
Witse	m	Wally	Wimke	f	Wimmy
Wemle	f	Wimmy	Wypkje	f	Wipy
Wibe	m	Wipy	Wytske	f	Tity
Wibren	m	Wipy	Wytske	f	Winy
Wibrich	f	Wipy	Wytske	f	Wity
Wibrichje	f	Winy	Wopkje	f	Woppy

Bylage 2: fan y-namme nei folle foarm

<u>namme op -y</u>	<u>m/f</u>	<u>folle foarm</u>			
Abby	f	Albertsje	Benny	m	Bearend
Addy	f	Adelheid	Benny	f	Bearendsje
Addy	f	Akke	Benny	m	Benjamin
Adry	f	Adriaan	Benny	m	Bernard
Adry	f	Adriana	Benny	m	Bernardus
Adry	m	Adrianus	Benny	m	Bonze
Affy	f	Aafke	Betsy	f	Eibertsje
Affy	f	Afke	Betsy	f	Elisabeth
Afy	f	Aafke	Betty	f	Albertsje
Aggy	f	Agatha	Betty	f	Barbara
Aggy	f	Agnes	Betty	f	Beitske
Akky	f	Akke	Betty	f	Berber
Ally	f	Albertsje	Betty	f	Bertha
Ally	m	Aldert	Betty	f	Betsje
Aly	m	Aaldrik	Betty	f	Betske
Aly	f	Aaltsje	Betty	f	Brechtsje
Aly	f	Aleida	Betty	f	Ebertha
Aly	f	Alida	Betty	f	Elisabeth
Aly	f	Alofje	Betty	f	Gijsbertha
Ammy	f	Lamkje	Betty	f	Lambertha
Anky	f	Anke	Biny	f	Bareldina
Anny	f	Anke	Binny	f	Bintsje
Anny	f	Anna	Bokky	m	Bokke
Anny	f	Annichje	Bonny	f	Bontsje
Anny	f	Antsje	Botsy	f	Bodina
Anny	f	Johanna	Bronny	m	Brontheis
Appy	m	Abel	Burry	m	Burchhard
Appy	m	Abele	Cily	f	Cecilia
Appy	m	Abraham	Detty	f	Detsje
Appy	f	Albertsje	Didy	f	Diderik
Appy	m	Albert	Dikky	f	Dirkje
Atty	f	Ada	Dikky	m	Dirk
Atty	m	Arend	Diny	f	Alberdina
Atty	f	Atsje	Diny	f	Arendina
Aty	f	Aatsje	Diny	f	Berendina
Batty	f	Barteltsje	Diny	f	Dina
Baudy	m	Boate	Diny	f	Dineke
			Diny	f	Dirkje
			Diny	f	Gerdina

Dity	f	Dytsje	Femmy	f	Femmichje
Ditty	f	Dirkje	Fenny	f	Fennichje
Doety	f	Doetsje	Fenny	f	Fentsje
Doety	f	Doete	Ferry	m	Ferdinand
Doety	m	Djoeke	Ferry	f	Fetsje
Dorry	f	Dorothea	Fetty	f	Fetsje
Doutsy	f	Doutsen	Fimmy	f	Fimke
Dukky	m	Durk	Finny	f	Fintsje
Dukky	f	Durkje	Foky	f	Fokeltsje
Eby	f	Eabeltsje	Folly	m	Folkert
Eddy	m	Eduard	Foppy	f	Fopkje
Edy	m	Eeltsje	Freddy	m	Alfred
Eggy	m	Easge	Freddy	m	Frederik
Elly	f	Eelkje	Freddy	f	Frederike
Elly	f	Elisabeth	Frony	f	Frone
Elly	f	Elske	Frony	f	Fronika
Ely	f	Eelkje	Froty	f	Froatske
Emmy	f	Emma	Gaby	m	Gabriël
Emmy	m	Engbert	Gaty	f	Gaatske
Emmy	f	Imke	Geary	f	Geartsje
Emmy	f	Imkje	Geary	f	Gerard
Emmy	f	Ymkje	Gelly	f	Gelske
Enny	f	Engeltsje	Geppy	f	Gepke
Epy	m	Eabe	Gerda	f	Gerry
Epy	m	Eabele	Gerry	f	Geart
Epy	f	Eabeltsje	Gerry	f	Geartsje
Epy	f	Eke	Gerry	f	Gerbrich
Epy	m	Evert	Gerry	f	Gerbrichje
Epy	f	Ibeltsje	Gerry	f	Gerda
Eppy	m	Ebbel	Gerry	f	Gerkje
Eppy	m	Ebe	Gerry	f	Gerlofke
Eppy	m	Egbert	Gerry	f	Gerrichje
Eppy	f	Egbertsje	Gerry	f	Gerritsje
Eppy	m	Hepke	Gerry	m	Gjerryt
Ety	f	Eelkje	Gety	f	Geartsje
Etty	f	Esther	Gidy	f	Egidius
Etty	f	Etsje	Gilly	f	Geeltsje
Evy	f	Eeuwkje	Giny	f	Regina
Evy	f	Eva	Gjetty	f	Gjetsje
Fally	f	Farduw	Goky	f	Goaitske
Femy	f	Fintsje	Gonny	f	Gontsje
Femmy	f	Femke	Hammy	f	Hamkje

Hammy	m	Harmen	Hilly	f	Hylkje
Hammy	f	Harmke	Hilly	f	Hiltsje
Hampy	m	Harmen	Hitty	f	Hitsje
Hampy	m	Johannes	Holly	f	Holkje
Hanny	f	Anskje	Honky	f	Johanna
Hanny	f	Hanne	Hotty	f	Hotske
Hanny	f	Hanskje	Immy	f	Imke
Hanny	f	Hantsje	Immy	f	Immertsje
Hanny	f	Johanna	Imy	f	Ymkje
Hanny	m	Johannes	Ympy	f	Ymkje
Harry	m	Haring	Ipy	m	Ibele
Harry	m	Harke	Ipy	f	Ibeltsje
Harry	m	Harm	Itty	f	Idskje
Harry	m	Harmen	Itty	f	Itsje
Harry	f	Harmina	Ity	f	Ytsje
Harry	m	Hearke	Jany	f	Adriana
Harry	m	Henri	Jany	f	Arianna
Harry	m	Hiëronymus	Janny	f	Adriaantsje
Harry	m	Hinne	Janny	f	Janke
Heily	f	Heiltsje	Janny	f	Janna
Heiny	m	Heinrich	Janny	f	Jannichje
Helmy	f	Wilhelmina	Janny	f	Jantina
Henky	f	Henk	Janny	f	Jantsje
Henny	f	Heintsje	Janny	f	Johanna
Henny	m	Hendrik	Jappy	m	Jabik
Henny	f	Hendrika	Jappy	f	Jabikje
Henny	f	Hendrikje	Jappy	m	Jakob
Henny	m	Hendrikus	Jelly	f	Jelkje
Henny	f	Hindrikje	Jelly	f	Jelske
Henny	f	Hinke	Jelly	f	Jeltsje
Heppy	f	Hepke	Jenny	f	Jenke
Heppy	f	Hjepkje	Jenny	f	Jente
Hepy	f	Heabeltsje	Jenny	f	Jentsje
Herry	m	Hearke	Jetty	f	Henriëtte
Hessy	f	Hesseltsje	Jetty	f	Jeltsje
Hessy	f	Hester	Jetty	f	Jetske
Hetty	f	Heabeltsje	Jikky	f	Jikke
Hetty	f	Hendrika	Jikky	f	Jipke
Hetty	f	Hendrikje	Jinny	f	Jinke
Hetty	f	Henriëtte	Jissy	f	Jisseltsje
Hetty	f	Hermina	Jitty	f	Jiskjen
Hiky	f	Hike	Jitty	f	Jitske

Jitty	f	Tjitske	Matty	f	Martha
Joeky	f	Djoeke	Matty	f	Martsje
Jolly	f	Joltsje	Meiny	m	Meindert
Joppy	m	Jasper	Meiny	f	Meintsje
Joppy	f	Jobje	Metty	f	Metsje
Jopy	m	Jochum	Mimy	f	Minke
Jopy	f	Johanna	Mimy	f	Wilhelmina
Jopy	f	Johannes	Miny	f	Hermina
Jopy	m	Joop	Miny	f	Toeminah
Judy	f	Judith	Minky	f	Minke
Kemmy	f	Trynke	Minny	f	Hermina
Kiky	f	Frederika	Minny	f	Minke
Kitty	m	Kristiaan	Minny	f	Mintsje
Koby	f	Jakoba	Nardy	f	Leonarda
Koby	f	Koba	Nelly	f	Neeltsje
Kokky	m	Gjalt	Nelly	f	Petronella
Konny	f	Konstanse	Nely	f	Neeltsje
Korry	f	Karolina	Netty	f	Anthoinetha
Korry	m	Kor	Niny	f	Tryntsje
Korry	f	Kornelia	Ninny	f	Neantske
Korry	m	Kornelis	Oepy	m	Oepke
Korry	f	Kornelisje	Pimmy	f	Simke
Korry	f	Korneliske	Piny	f	Eppina
Lammy	f	Lankje	Pity	f	Pitertsje
Laury	m	Laurens	Pity	f	Pytsje
Leny	f	Helena	Plony	f	Apolonia
Leny	f	Jentsje	Pukky	f	Frouke
Leny	m	Leendert	Pukky	f	Hendrikje
Leny	f	Leentsje	Reiny	m	Rein
Limmy	f	Lemke	Reiny	f	Reintsje
Lipy	f	Elisabeth	Rely	m	Aurelius
Loeky	f	Lolkje	Renny	m	Rinse
Lotty	f	Lolkje	Renny	f	Rinske
Lowy	m	Loadewyk	Reny	f	Rinske
Lucy	f	Lucia	Riky	f	Rika
Luky	f	Lutske	Riky	f	Rykje
Lummy	f	Lummechina	Rimmy	f	Rimkje
Luty	f	Lutina	Rimy	f	Rymkje
Maddy	f	Magdalena	Rinny	f	Rinkje
Maggy	f	Marchien	Rinny	m	Rinse
Maky	f	Maaike	Rinny	f	Rinske
Marry	f	Marchje	Rinny	f	Rintsje

Robby	m	Rob	Tholy	f	Tholina
Roely	f	Roelfyn	Timy	m	Timen
Roely	m	Roelof	Tiny	f	Katharina
Roely	f	Roelofje	Tiny	f	Kristina
Roely	f	Roelofke	Tiny	f	Martina
Roely	f	Roeltsje	Tiny	f	Swaantina
Rommy	f	Romkje	Tiny	f	Tesina
Rommy	m	Rommert	Tiny	f	Tryntsje
Rudy	m	Rudolf	Tity	f	Grytsje
Rudy	m	Ruerd	Tity	f	Sytske
Sanny	f	Sandrina	Tity	f	Tytsje
Sanny	f	Swaantsje	Tity	f	Tsjitske
Sapy	f	Saapke	Tity	f	Wytske
Sappy	f	Saapke	Tjimmy	f	Tjimkje
Seppy	f	Sepkje	Tjitty	f	Tjitske
Simy	f	Simentsje	Toeky	f	Sjoerdsje
Simy	f	Symkje	Tony	f	Anthonia
Siny	f	Gesina	Tony	f	Anthonius
Sipy	m	Sibe	Tony	f	Thonia
Sipy	m	Sibren	Tonny	f	Anthonia
Sipy	f	Sibrichje	Tonny	m	Anthonius
Sippy	m	Sibbele	Tonny	m	Thomas
Sippy	f	Sibbeltsje	Tonny	f	Thonia
Sippy	f	Sip	Tonny	m	Thonius
Sippy	f	Sipkje	Triny	f	Tryntsje
Sippy	f	Tsjipkje	Trudy	f	Geartrude
Sissy	f	Fransiska	Trudy	f	Gertrudis
Sity	f	Sytske	Tsjally	f	Tsjaltsje
Sjeryp	f	Sjerpke	Tsjeppy	f	Tsjepkje
Sjerry	m	Sjerp	Tsjetty	f	Tsjetsje
Sjolly	f	Tsjaltsje	Tsjikky	f	Tsjikke
Sjonny	f	Johannes	Uppy	m	Ulbe
Swany	f	Swaantsje	Uty	f	Úlkje
Tammy	m	Tamme	Vrony	f	Veronica
Tanny	f	Jantsje	Wally	m	Ewald
Tappy	f	Taapke	Wally	m	Watse
Teddy	f	Tetsje	Wikky	f	Willeke
Tekky	m	Tsjerk	Wiky	f	Wike
Tetty	f	Tetsje	Willemy	f	Willy
Teuny	f	Teuntsje	Willy	f	Wilhelmina
Tilly	f	Mathilde	Willy	m	Wilkus
Tiny	f	Tytsje	Willy	m	Willebrord

Willy	m	Willem
Willy	f	Willemyn
Willy	f	Willemke
Willy	m	Wilto
Willy	f	Wimke
Wimmy	f	Wemke
Wimmy	f	Willemke
Wimmy	f	Wimke
Wimpy	m	Willem
Winy	f	Wibrichje
Winy	f	Wytske
Wipy	m	Wibe
Wipy	m	Wibren
Wipy	f	Wibrich
Wipy	f	Wibrichje
Wipy	f	Wypkje
Wity	f	Wytske
Woppy	f	Wopkje

**nammen op -y dêr't yn de
krante gjin folle foarm neist
stiet**

Addy	m
Aty	f
Barty	f
Benny	f
Berty	f
Bety	f
Biby	f
Biny	f
Bonny	m
Botsy	f
Danny	m
Dity	f
Dieuwy	f
Dolly	f
Elly	f
Enny	f
Epy	f
Eppy	f

Ety	f
Fanny	f
Foky	f
Foly	f
Folly	f
Gatty	f
Gemmy	m
Gerry	f
Gerty	f
Gwenny	f
Harry	m
Hetty	f
Holly	f
Jenny	f
Jerry	m
Jippy	f
Jolly	m
Kety	f
Kitty	f
Klary	f
Konny	f
Lipy	f
Lippy	m
Loly	f
Lonny	f
Lumy	f
Menny	f
Nanny	f
Netty	f
Nikky	f
Pepy	f
Pety	f
Remmy	f
Riny	f/m
Ronny	m
Sanny	f
Seppy	f
Sibby	f
Simmy	m
Sjerpy	f
Sjoety	f
Sjuly	f

Stiny	f	Wally	f
Tilly	f/m	Wappy	f
Tjenny	f	Wibby	f
Tjissy	f	Winy	f
Topy	f	Winny	f
Uky	f		

bylage 3 – spotters fan Charivarius op de ie-nammen yn it Nederlânsk

Yn § 1.1 wurdt in fersuchting oer de y-nammen yn it Frysk fan Sipma (1952:126) oanhelle. Dat de *ie*-nammen yn it Nederlânsk ek net troch elk wurdearre waarden, mei bliken dwaan oan it spotterske hjirûnder út *Ruize-rijmen* (1922) fan Charivarius (Gerard Nolst Trenité, Utert 20 july 1870-Haarlim, 9 oktober 1946). It liket dúdlik te wêzen, dat dit oan slach nammen troch him in Ingelsk komôf tatocht wurdt.

Naampje

De tijd van Klara, Bettekoo, van Annemie en Aagje
Is lang voorbij. We volgen nu het voorbeeld van het Haagje.
Zoo'n naampje op een y-tje klinkt zoo fijntjes, zoo coquetjes,
Marie, Christien, Jacoba, Anna, Mina is niet netjes.
We zeggen liever Mary, Tini, Cobi, Anni, Mini,
En Kitty, Nelly, Wimmy, Elly, Florry, Lotty, Stini.
En Jet is veel te burgerlijk, fatsoenlijker is Jetty,
En Jenny, Molly, Henny, Dolly, Enny, Polly, Hetty,
En Maggy, Tilly, Fanny, Lili, Lizzy, Carry, Corry,
En Bini, Betty, Dini, Nettie, Suzie, Emmy, Dorry.
Een jongen heet geen Hein, maar Harry. Jan is plat; zeg Johnny,
En Willem – dat moet Willy zijn, en Toon natuurlijk Tonny,
Dan noem' we Wijnand Wijnie hoor; een ie-tje hebben *zal*-ie!
Wat moet' we dan met Albert doen? - Wel, noem den lummel Ally!
Ook Eduard is veel te flink, en Frits en Ferdinand,
Die worden dus tot Eddy, Freddy, Ferry-dear ontmand.
En Gijs wordt Bertie, Bonnie staat voor... drommels ja hoe hiet *die*?
Gelukkig nog dat Piet voorloopig Piet is en niet Pietie!
Al wat uit Eng'land komt is chic. Ja juist, maar je vergeet,
Dat daar de waschvrouw Mary, en het vischwijf Kitty heet!